



Inspectie van het Onderwijs
Ministerie van Onderwijs, Cultuur en
Wetenschap

Tusken wjnsk en wurklikheid

*De kwaliteit fan it fak Frysk yn It basisûnderwiis en it
fuortset ûnderwiis yn Fryslân*

Ynspeksje fan it ûnderwiis

Foaropwurd

Yn de ôfrûne tsien jier hat de Ynspeksje fan it ûnderwiis yn in trijetal omgongen de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it fak Frysk beoardiele yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis. Foar it earst yn 1999, yn 2006 en no wer yn 2009. We sjogge in grut ferskaat oan ûntwikkelings.

Oan 'e iene kant is de ôfrûne jierren flink ynvestearre om it ûnderwiis yn it Frysk op in heger peil te bringen. Dêrby falt te tinken oan nije kearndoelen en metoaden dy't dêrby passe; programma's fan Omrop Fryslân en ek in subsydzjeregeling fan de provinsje om lytse (eksamen) klassen mooglik te meitsjen. Ek foarmje de trijetalige basisskoallen in opfallende ûntwikkeling. Oan 'e oare kant sjogge we fan dy en oare ûntwikkelings noch net genôch werom yn de lessen. Al is de basiskwaliteit fan dy lessen te fergelykjen mei lessen yn oare fakken, dochs falt de kwaliteit krekt dêr wêr't de lessen Frysk sterk wêze moatte soene, bot ôf en sjogge we ek net folle ûntwikkeling yn de perioade 1999-2009. Sa wurdt te min rekken holden mei de ferskillen tusken Frysktalige en net-Frysktalige learlingen en wurdt meast net op it doel ôf wurke oan it beheljen fan beskate learresultaten foar Frysk. Ek it Frysk as fiertaal by oare fakken spilet yn it algemien gjin of mar in beskieden rol.

Tusken winsk en wurklikheid. Yn de bestjoersôfspraak tusken ryk en provinsje foar de jierren 2001-2010 en yn de provinsjale nota *Boppeslach* (2006) binne stevige ambysjes formulearre foar it ûnderwiis yn it Frysk. De wurklikheid stiet dêr noch fier fanôf. Yn de panels dy't holden waarden nei oanlieding fan de foarriedige resultaten murken leararen op dat Frysk faak sjoen wurdt as eat dat der by komt en ek noch efkes moat; it hinget der faak by. Fierder waard dêr de fraach opsmitten hoefolle draachflak der ûnder âlden is om de posysje fan it fak Frysk te fergrutsjen; der waarden twivels formulearre - ek op basis fan ûndersyk mei fragelisten (yn 2009 en earder) - oft de 'grutskens op de taal' fan de Friezen dêr stevich genôch foar is.

De ynspeksje tinkt dat it binnen de besteande lessen earst folle better kin en moat; we hawwe dêr ek goeie foarbylden fan sjoen. Yn dit rapport wurde oanbefellings formulearre om hiel doelbewust te wurkjen oan in fersterkjen fan it besteande aanbod, de kwaliteit fan leararen en har ûnderwiis. Dêr moat de ambysje úteinlik fielber wurde: yn ynspirearjende lessen dêr't learlingen oantoanber in protte leare yn en oer de Fryske taal en kultuer. Bestjoeren en skoallieders hawwe dêr in krúsiale rol by spile.

It kin better!!

Drs. H.G.J. Steur
Haadynspekteur

YNHÂLD

Gearfetting	4
Ynlieding	7
1 Ûntwikkelings oangeande it fak Frysk	8
1.1 Feroarings yn de keardoelen Frysk	8
1.2 De ûnderwiisnota Boppeslach	8
1.3 It kwaliteitsakkoart Basisûnderwiis Fryslân	9
1.4 Nije metoaden Frysk foar it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis	10
1.5 De Trijetalige Skoalle	10
1.6 It toetsen fan it fak Frysk	10
1.7 Meartalige pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen	11
1.8 Lektoraat Frysk en meartaligens	11
1.9 Stjoergroep desintralisaasje Fryske taal	11
2 Opset fan it ûndersyk	12
2.1 Ûndersyksfragen	12
2.2 Metoaden fan ûndersyk	12
2.3 Wurdearringsramt Frysk en oare ynstruminten	13
2.4 Ûndersykgroepen en respons	14
2.5 Analyses	15
3 De taalsituaasje op skoallen yn Fryslân	16
3.1 De taalsituaasje yn it basisûnderwiis	16
3.2 De taalsituaasje yn it fuortset ûnderwiis	19
4 Frysk yn it basisûnderwiis	22
4.1 De kwaliteit fan it fak Frysk op de basisskoallen	22
4.2 Faktoaren op skoalnivo	24
4.3 Faktoaren op it nivo fan klasse en learaar	28
5 Frysk yn it fuortset ûnderwiis	32
5.1 De kwaliteit fan it fak Frysk yn it fuortset ûnderwiis	32
5.2 Faktoaren op skoalnivo	34
5.3 Faktoaren op it nivo fan klasse en learaar	40

6	Frysk yn it spesjaal ûnderwiis	42
6.1	Gearstalling learlingbefolking	42
6.2	Rol fan de Fryske taal yn it spesjaal ûnderwiis	43
7	Belied fan bestjoeren oangeande it Frysk	44
7.1	Belied oangeande it Frysk	44
7.2	It fak Frysk op de skoallen	45
7.3	It belutsen wêzen by spesifike aktiviteiten	46
8	Trijetalige basisskoallen	47
8.1	Taalsituaasje op de trijetalige basisskoallen	47
8.2	Frysk op trijetalige basisskoallen	48
9	Konklúzjes en oanbefellings	53
9.1	Gearfetting fan de ûndersyksresultaten	54
9.2	Algemiene konklúzjes	55
9.3	Oanbefellings	56
	Bylagen	57
	Literatuer	62

Gearfetting

De Ynspeksje fan it ûnderwiis bringt geregeld ferslach út fan de stân fan saken oangeande de kwaliteit fan it fak Frysk yn de provinsje Fryslân. It ûndersyk dat hjir beskreaun wurdt, stelt op 'e nij de stân fan saken fêst oan de hân fan de folgjende ûndersyksfragen:

1. hoe jouwe basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis foarm oan it fak Frysk?
2. hokker ûntwikkelings wiene der op skoallen yn fergeliking mei 2004-2005?

Dêrneist hat de ynspeksje ûndersocht hokker rol it Frysk spilet yn skoallen foar spesjaal ûnderwiis, oft de taalsituaasje op Fryske skoallen feroare is en yn hoefier't skoalbestjoeren belied fiere oangeande it fak Frysk. Hoe't trijetalige basisskoallen foarm jouwe oan it fak Frysk is ek neigien. De ynspeksje hat oan de hân fan fragelisten gegevens sammele by direksjes en bestjoeren fan alle basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis dy't gjin berop dwaan kinne op in ûntheffingsregeling foar it Frysk. Fierder binne 117 lessen Frysk op basisskoallen en 40 lessen Frysk op skoallen foar fuortset ûnderwiis observearre. Dat is bard mei help fan it wurdearringsramt Frysk fan de ynspeksje.

De taalsituaasje op skoallen yn Fryslân

Neffens 2005 is it persintaazje Frysktalige learlingen op basisskoallen (52%) en skoallen foar fuortset ûnderwiis (63%) net sterk feroare. Op termyn liket it derop dat it persintaazje Frysktalige learlingen yn it fuortset ûnderwiis sakje sil. Yn de kommunikaasje op skoallen spilet it Frysk wol in rol yn de mûnlinge, mar net of amper yn de skriftlike kommunikaasje. Sa binne notulen, nijsbrieven, skoalgidsen en skoalplannen praktysk altyd Nederlânsktalich. Yn de kommunikaasje mei âlden fan basisskoallearlingen litte de skoallen, yn tsjinstelling ta 2005, it minder oan de leararen sels oer hokker taal se mei âlden prate. Der is justjes faker belied op dat punt formulearre.

It Frysk yn it basisûnderwiis

Yn fergeliking mei lanlike sifers falt benammen op dat der op de Fryske skoallen amper sprake is fan in systematyske evaluaasje fan de resultaten en fan it ûnderwiislearproses oangeande it fak Frysk. It persintaazje skoallen dat in taalbeliedsplan hat, mei dêryn ûnder oaren omtinken foar it taaloanbod, ferbetterings fan it taalûnderwiis en de thústaal fan learlingen, lei yn 2005 op 12% en no op sa'n 50%. It persintaazje skoallen mei in taalkoördinator (meastal in learaar mei in taak) is ek sterk tanommen (net allinnich foar Frysk, mar ek foar Nederlânsk en soms ek foar Ingelsk). De algemien pedagogysk-didaktyske kwaliteiten fan leararen dy't it Frysk dosearje, hat de ynspeksje foar it meastepart as foldwaande beoardiele en ferskille amper fan lanlike sifers. De pinepunten lizze op it mêd fan it learstofoanbod foar learlingen mei ûnderskate taaleftergrûnen, it ôfstimmen fan de ynstruksje en ferwurking, it gebrek oan befoege leararen foar it Frysk en it gebrek oan toetsen.

It Frysk yn it fuortset ûnderwiis

Krekt as it basisûnderwiis is ek yn it fuortset ûnderwiis de kwaliteitsoarch oangeande it fak Frysk ûnfoldwaande ûntwikkele. Dat jildt likegoed foar de evaluaasje fan it ûnderwiislearproses en de resultaten as foar de planmjittigen en boarging fan ferbetteraktiviteiten. De oare resultaten lykje oer it algemien ek hiel bot op dy yn it basisûnderwiis. Sa binne leararen yn it fuortset ûnderwiis foldwaande by steat om dúdlik út te lizzen en de learlingen aktyf by it ûnderwiis yn it fak Frysk te beheljen. Dêrfoaroer is it ôfstimmen fan it learstofoanbod en it didaktysk hanneljen op (taal)ferskillen tusken learlingen yn it fuortset ûnderwiis noch ûnfoldwaande oanwêzich. Ek hat mar de helte fan de leararen dy't Frysk jouwe in foech foar

Frysk. Hoewol't mear skoallen in taalbelied hawwe as yn foarige ûndersiken it gefal wie, rint it fuortset ûnderwiis hjir wol efter op it basisûnderwiis.

It Frysk yn it spesjaal ûnderwiis

De WEC biedt romte, as skoallen foar spesjaal ûnderwiis dat wolle, om omtinken oan it Frysk te jaan. Op justjes minder as de helte fan it tal skoallen spilet it Frysk op ien of oare wize in rol yn it ûnderwiis (yn de omgongstaal, as terapytaal by logopedy by Frysktalige bern, yn spesifike pedagogyske situaasjes).

It belied fan bestjoeren oangeande it Frysk

Likernôch twa tredde fan de skoalbestjoeren, likegoed yn it basisûnderwiis as yn it fuortset ûnderwiis, seit belied oangeande it Frysk as fak te fieren. By bestjoeren fan basisskoallen giet it dan benammen om ynvestearrings yn nije metoaden, de ûntwikkeling fan in taalbeliedsplan of it oanstellen fan in taalkoördinator. Yn it fuortset ûnderwiis is it belied benammen rjochte op útwreiding fan it fak Frysk nei it earste jier. Goed in tredde fan de bestjoeren fan basisskoallen hat in fiertaalbelied ûntwikkele, tsjin in fyfde fan de bestjoeren yn it fuortset ûnderwiis.

Trijetalige basisskoallen

In doel fan de trijetalige basisskoalle is ûnder oaren it ferheegjen fan de kwaliteit fan it Frysk. De ynspeksje konstatare dat de direkteuren fan de trijetalige basisskoallen faker systematysk gegevens oer de thústaal sammelje as de direksjes fan oare skoallen. De ynspeksje hat 5 trijetalige skoallen besocht. Dy skoallen dogge mear oan kwaliteitssoarch by it Frysk as oare skoallen en leararen slagje der faker yn de ynstruksje en ferwurking fan learstof ôf te stimmen op de ferskillen tusken learlingen oangeande de Fryske taal. De trijetalige skoallen ûnderskiede har fierder benammen fan de oare skoallen trochdat se folle mear tiid besteegje oan it Frysk as fiertaal.

Konklúzjes en oanbefellings

De yn de foarige rapporten (1999, 2001, 2006) beskreaune konklúzjes en oanbefellings hawwe der noch net ta laat dat op alle fronten flinke foarútgong boekt is as it giet om it fak Frysk. It needsaklike draachflak dêrfoar is net altyd sa dúdlik op skoallen of by âlden oanwêzich. Út de lesbesites docht bliken dat de algemien pedagogysk-didaktyske kompetinsjes fan leararen te fergelykjen binne mei oare lessen, mar der wurdt amper wurke mei it doel rendemint te krijen, wêrby't leararen no ek ûnfoldwaande rekken hâlde mei de talige eftergrûnen, mooglikheden en kapasiteiten fan learlingen. De ynspeksje hat lykwols waarnommen dat, sa docht bliken út observaasjes, der ek leararen binne dy't deryn slagje om taalferskillen wol genôch yn de mjitte te kommen. Mei it each op de beheinde tiid dy't foar it fak Frysk op it lesroaster stiet, is it de fraach oft alle kearndoelen wol oan bod komme kinne; dat jildt likegoed foar it basis- as foar it fuortset ûnderwiis. Fanwege it ûntbrekken fan normearre toetsen kin de ynspeksje ûnfoldwaande ynhâld jaan oan syn tafersjoch. Fan it oanbod út de hegeskoallen foar it befoarderjen fan de saakkundigens wurdt net folle gebrûk makke. As basis foar goed ûnderwiis mei ûndersteld wurde dat leararen befoege en bekwaam binne foar it jaan fan it fak Frysk en dat is noch altyd soarchlik, want tefolle leararen jouwe sûnder foech les. As lêste binne de rjochten en plichten oer it al of net jaan fan it fak Frysk neffens de wetjouwing net altyd helder.

Konklúzjes dy't neamd binne, liede ta de folgjende oanbefellings:

- it ûntheffingsbelied fan de provinsje Fryslân moat útkristallisearre en aktualisearre wêze;
- skoallen moatte wurkje mei it doel rendemint te krijen en dêrby it learstofaanbod ôfstimme op de talige kapasiteiten fan learlingen;

- de bekwaamheden/foegen Frysk yn it basisûnderwiis moatte dúdliker makke wurde en de learare-opliedings moatte soargje foar in leechdrompelich oanbod yn it ramt fan it befoarderjen fan de saakkundigens.
- sadree't learlingen yn it basis- en fuortset ûnderwiis folge wurde kinne oan de hân fan in normearre learlingfolchsystem, sil de kwaliteit fan it ûnderwiis Frysk op 'e nij troch de ynspeksje ûndersocht wurde.

Ynlieding

Yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2001-2010 (Staatscourant 125, 3 july 2001) makken it ryk en de provinsje Fryslân neiere ôfspraken om de posysje fan it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis te fersterkjen. Ryk en provinsje kamen oerien dat de Ynspeksje fan it ûnderwiis geregeld ferslach útbringt fan de stân fan saken oangeande de kwaliteit fan it fak Frysk yn de provinsje Fryslân.

De ynspeksje hat twa kear earder ûndersyk op dat mêd dien, it meast resint yn 2004-2005 en dêrfoar yn 1999 (fuortset ûnderwiis: basisfoarming) en 2001 (basisûnderwiis). It basisûnderwiis is yn de jierren dêrfoar yn mear ynventarisearjende sin ûndersocht (Ynspeksje fan it ûnderwiis, 1986, 1989). Yn 1995 hat de ynspeksje de rol fan it Frysk yn geakunde en sosjale wrâldoriïntaasje ûndersocht.

Yn 2009 hat de ynspeksje op 'e nij ûndersyk dien nei de kwaliteit fan it fak Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis. De resultaten binne yn dit rapport beskreaun.

It earste haadstik beskriuwt de ûntwikkelings yn de kontekst fan it fak Frysk sûnt de foarige rapportaazje yn 2006. Yn it twadde haadstik wurdt de opset fan it ûndersyk yn 2009 beskreaun en ferantwurde. De resultaten wurde dêrnei presintearre yn de haadstikken 3 oant en mei 7. Haadstik 3 giet yn op de aktuele taalsituaasje op skoallen yn Fryslân. Haadstik 4 befettet de ûndersyksresultaten foar it basisûnderwiis, haadstik 5 dy foar it fuortset ûnderwiis en yn haadstik 6 wurde de resultaten fan it spesjaal ûnderwiis oan de oarder steld. Yn haadstik 7 wurdt yngien op it belied fan de skoalbestjoeren oangeande it Frysk. Haadstik 8 beskriuwt de stân fan saken op de trijetalige basisskoallen. As lêste wurde de wichtichste konklúzjes fan it ûndersyk yn haadstik 9 gearfette en wurdt omtinken jûn oan de takomst fan it fak Frysk, yn it ljocht fan de konklúzjes dy't de ynspeksje lutsen hat yn earder ûndersyk oer dat tema.

1 ûntwikkelings oangeande it fak Frysk

Dit haadstik sketst de wichtichste ûntwikkelings dy't har oangeande it Frysk yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis foardien hawwe sûnt de foarige ynspeksjerapportaaazje oer it Frysk (Ynspeksje fan it ûnderwiis, 2006). It giet dêrby om feroarings yn de keardoelen foar it Frysk (1.1), de ûnderwiisnota *Boppeslach* fan de provinsje Fryslân (1.2), it kwaliteitsakkoart Basisûnderwiis Fryslân (1.3), de nije metoaden dy't ferskynden foar it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis (1.4), de ûntwikkelings op it mêd fan de Trijetalige Skoalle (1.5), toetsen foar it Frysk (1.6), meartalige pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen (1.7), it lektoraat Frysk en meartaligens (1.8) en de stjoergroep desintralisaasje Fryske taal (1.9).

1.1 Feroarings yn de keardoelen Frysk

Yn it foarige ynspeksjerapport is hieltyd stilstien by de feroarings yn de keardoelen Frysk. Fóár 2006 wiene de keardoelen Frysk foar it basisûnderwiis dy't doe jilden ynhâldlik identyk oan de keardoelen Nederlânske taal en se omfetten praten, harkjen, lêzen, skriuwen en taalskôging. Bliken die lykwols dat dat foar in soad skoallen in swiere opjefte wie. Mei dêrom binne nije keardoelen Frysk ûntwikkele. Dy keardoelen Frysk binne wol oars formulearre as dy foar Nederlânske taal, mar se dekke deselde domeinen. Yn de keardoelen wurde oan Frysktalige learlingen gjin oare easken steld as oan Nederlânsktalige; se beskriuwe yn prinsipe it oanbod dat foar alle learlingen yn Fryslân jildt. Skoallen meie kieze om dat oanbod ôf te stimmen op de populaasje.

Oan Frysktalige learlingen yn it fuortset ûnderwiis wurde yn de nije opset oare easken steld as oan net-Frysktalige learlingen. De nije keardoelen Fryske taal en kultuer foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis binne foar de ûnderbou sûnt 2006 ferplicht steld. Dêrneist kinne skoallen Frysk yn de hegere learjierren fakultatyf oanbiede. De nije keardoelen hâlde rekken mei ferskillen yn de behearsking fan it Frysk fan learlingen dy't it earste jier binnen komme, troch differinsjaasje neffens nivo fan taalbehearsking as útgongspunt te kiezen. Guon doelstellings binne foar alle learlingen yn de ûnderbou ornearre en gear oer it dielnimmen oan in twatalige kultuer. Dêrneist binne der inkele doelstellings dy't jilde foar learlingen foar wa't Frysk de twadde taal is, of dy't Frysk as memmetaal hawwe (sjoch bylage 1).

1.2 De ûnderwiisnota *Boppeslach*

Yn novimber 2006 is de ûnderwiisnota *Boppeslach* troch de Provinsjale Steaten oannommen. It haaddoel fan de ûnderwiisnota is it ferbetterjen fan de ûnderwiiskundige kwaliteit fan it Fryske basisûnderwiis. Dy doelstelling wurdt út trije ynfalshoeken wei benadere:

- de ûnderwiiskundige kwaliteit fan it Fryske basisûnderwiis;
- it yntegraal taalbelied;
- de soarch yn en om it basisûnderwiis.

De oarsprong fan *Boppeslach* leit yn it ûndersyk nei de effektiviteit fan it ûnderwiis yn Fryslân (Van Ruyven, *Onderwijseffectiviteit in Fryslân*, 2004). Yn dat ûndersyk waard konkludearre dat taal- en rekkeneferstannen fan Fryske learlingen net taskreaun wurde moatte oan it feit dat in grut tal Fryske learlingen fan hûs út net-Nederlânsktalich is, mar út oare faktoaren wei

ferklearre wurde moat. Foar de útfiering fan de ûnderwiisnota Boppeslach leit de rezjy yn hannen fan de provinsje Fryslân. Oangeande it yntegraal taalbelied binne de folgjende doelstellings formulearre:

- De posysje fan it Frysk nimt yn it ramt fan regionale talen of talen fan minderheden yn Europa in topposysje yn.
- Yn 2015 hat de Fryske taal en kultuer op mear as de helte fan de ûnderwiisynstellings yn de sektoaren VVE en PO in substansjele posysje yn it ramt fan yntegraal taalbelied oangeande kurrikulum-ynhâld en ûnderwiistiid.
- Yn 2015 slút it fuortset ûnderwiis op adekwate wize oan op it primêr ûnderwiis wat de Fryske taal en kultuer oangiet. Dat betsjut dat it yn alle gefallen giet om in trochrinnende learline foar it fakgebiet Fryske taal en kultuer.
- Op de beide Fryske pabû's (pedagogyske akademy foar it basisûnderwiis/pabo) hat it Frysk yn it ramt fan it yntegraal taalbelied in substansjele posysje binnen it kurrikulum fan de hiele oplieding en de oplieding ta Foech Frysk hat in kwaliteitsnivo op it mêd fan ynhâld en didaktyk, dat troch eksterne ynstânsjes ferifiearre wurdt.

1.3 It kwaliteitsakkoart Basisûnderwiis Fryslân

Yn 2009 ûndertekene it ryk, de provinsje Fryslân en de oerkoepeljende skoalbestjoeren (iepenbier, roomsk-katolyk, protestantsk-kristlik en grifformearde ûnderwiis) it kwaliteitsakkoart Basisûnderwiis Fryslân. Yn it akkoart wurde neist doelen oer it ferbetterjen fan de swakke en tige swakke skoallen, de ymplementaasje fan it ier sinjlearjen en it ferbetterjen fan taal- en rekkenprestaasjes, ek ferbetterings neistribbe oangeande de kompetinsjes fan leararen yn de Fryske taal. It doel is dat de kompetinsjes fan de leararen basisûnderwiis yn it ûnderwizen fan de Fryske taal ferbetterje. Dêr wurdt in skoallingsoanbod foar opset oangeande:

- it optimaal behearskjen fan de Fryske taal troch leararen, mei dêrby it aksint op de skriuwfeardigens en de stavering;
- in goeie behearsking fan de didaktyk fan twa- en meartaligens, wêrby't ekstra omtinken jûn wurdt oan it hantearjen fan differinsjaasje;
- it wurkjen mei de metoade Studio F op in didaktysk korrekte wize, basearre op in goed didaktysk ynsjoch yn de opbou en de ynhâld fan it materiaal;
- in goeie kennis fan de Frysktalige jeugdliteratuer dy't foar learlingen yn it basisûnderwiis beskikber is.

It ryk stelt foar de skoalling fan leararen basisûnderwiis foar de perioade 2010-2012 jierliks in bedrach beskikber. Dy subsydzje wurdt troch de provinsje oan de twa hegeskoallen mei in learare-oplieding basisûnderwiis jûn. De provinsje soarget derfoar, yn oerlis mei de beide hegeskoallen, dat in adekwaat skoallingsoanbod bean wurdt en dat it ûnderwiisfjild goed ynformearre wurdt. De skoalbestjoeren stimulearje de leararen fan it skoallingsoanbod gebrûk te meitsjen.

As útfloeisel fan it kwaliteitsakkoart Basisûnderwiis Fryslân jildt dat de beide learare-opliedings basisûnderwiis yn Fryslân mei yngong fan it skoaljier 2010-2011 de neiskoallingskursus Foech Frysk fersoargje sille, bestimd foar leararen basisûnderwiis, dy't gjin foech foar Frysk hawwe.

1.4 Nije metoaden Frysk foar it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis

Foar it basisûnderwiis hat it Taalsintrum Frysk/CEDIN de metoade Studio F ûntwikkele en dy wurdt yn Fryslân yntusken op hiel wat basisskoallen yn de lessen Frysk brûkt (sjoch haadstik 4). De útjouwers hawwe behalve in basisboek, differinsjearre nivoboeken en toetsen dy't by de metoade hearre, ek software foar learlingen ûntwikkele litten. Dêrneist binne yn gearwurking mei Omrop Fryslân radio- en televyzjeprogramma's ûntwikkele as stipe by it lesjaan mei de metoade. Skoallen dy't de metoade ynfierde woene, krigen dêrfoar oant 1 july 2010 in oanskafsubsydzje. De taaladviseurs fan Taalsintrum Frysk, dat ûnderdiel is fan de skoalbegeliedingsjinst Cedin, kinne op fersyk fan de skoallen by de ynfiering fan de metoade skoallen belutsen wurde. It útgongspunt foar it brûken fan Studio F is dat it fak Frysk ien kear yn de wike ien oere op it lesroaster stiet.

Foar alle learjierren en nivo's [tmbû (tariedend middelber beropsûnderwiis/vmbo), hafû (heger algemien fuortset ûnderwiis/havo) en twû (tariedend wittenskiplik ûnderwiis/vwo)] yn it fuortset ûnderwiis is sûnt inkele jierren de metoade Freemwurk beskikber dy't troch de Afûk útjûn is. Dy metoade biedt leararen de mooglikheid om oan de hân fan autentike situaasjes de mûnlinge en skriftlike taalfeardigens fan har learlingen op in heger nivo te bringen. It is in kompleete lesmetoade dy't rekken hâldt mei ferskillen yn de talige eftergrûn, de kognitive fermogens en it taalgefoel. De tema's yn Freemwurk binne keppele oan tema's yn it tydskrift Linkk en de Linkk-televyzje-útstjoerings fan Omrop Fryslân.

1.5 De Trijetalige Skoalle

Yn 1997 is yn de provinsje Fryslân yn it basisûnderwiis mei it projekt Trijetalige Skoalle begûn. Yn dy skoallen is it de bedoeling dat it ûnderwiis yn de ûnder- en middenbou foar de helte yn it Nederlânsk en foar de helte yn it Frysk jûn wurdt. Fan groep 6 ôf moat sa'n 20 prosint fan de lestiid yn it Ingelsk jûn wurde. In skoalle is pas in Trijetalige Skoalle as trije talen brûkt wurde as fak- en fiertaal. As minimumnoarm jildt dat twa deidielen Frysk as fiertaal by oare fakken en/of aktiviteiten brûkt wurdt. Fan groep 6 ôf krijt it Ingelsk in deidiel de funksje fan fiertaal, neist Ingelsk as fak. Yn oare Europeeske regio's mei in minderheidstaal binne lyksoartige ûntwikkelings. It doel is it ferheegjen fan de kwaliteit fan it ûnderwiis, benammen foar it Frysk en it Ingelsk, wêrby't oan learlingen oant en mei de ein fan de basisskoalle de keardoelen dy't offisjeel fêststeld binne, yn trije talen oanbean wurde.

Skoallen dy't oan it projekt Trijetalige Skoalle meidwaan wolle, partisipearje yn in netwurk mei dêryn 38 skoallen (peildatum septimber 2010) dy't of al sertifisearre binne of dêrfoar yn de beneaming komme wolle. De doelstelling fan de provinsje Fryslân is dat der yn 2012 sa'n fyftich trijetalige skoallen wêze sille. Mei yngong fan it skoaljier 2010/2011 begjint yn Fryslân de earste skoalle foar fuortset ûnderwiis binnen in ôfdieling hafû-twû (learjier 1) mei in trijetalige fariant neist in regulier ûnderwiisprogramma, fergelykber mei de Trijetalige Skoalle.

1.6 It toetsen fan it fak Frysk

Mei yngong fan jannewaris 2010 binne amtners fan de provinsje Fryslân yn 'e mande mei toetsaakkundigen fan it Cito begûn mei it ûntwikkeljen fan in toets dy't net keppele is oan in

beskate metoade foar it toetsen fan begripend lêzen Frysk foar learlingen yn groep 8. Oan de ein fan it skoaljier 2010/2011 krije alle learlingen fan groep 8 yn it Fryske basisûnderwiis de gelegenheid oan dy toets, dy't op twa ferskillende nivo's (basis en fuortset) oanbean wurdt, mei te dwaan. It doel fan dy toets is fêst te stellen yn hoefier't learlingen de ynhâld fan Fryske teksten begripe. It is de bedoeling dat de toets foar it hiele Fryske basisûnderwiis yn 2011-2012 beskikber komt.

1.7 Meartalige pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen

Der is in groeiend tal pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen yn Fryslân, dat de basis leit foar de meartalige ûntwikkeling. Op dit stuit giet it dêrby om in lytse hûndert lokaasjes. Der wurdt in soad omtinken jûn oan taal en benammen oan de twatalige ûntwikkeling fan bern. Dêrby binne de folgjende doelen fan belang:

- it helpen fan Frysktalige bern om de memmetaal fierder te ûntwikkeljen;
- it helpen fan Nederlânsktalige bern om it Frysk al hiel jong te learen;
- it realisearjen fan in bettere posysje fan de Fryske taal.

1.8 Lektoraat Frysk en meartaligens

Mei yngong fan it stúdzjejaar 2010/2011 wurdt in begjin makke mei it lektoraat Frysk en Meartaligens yn opfieding en ûnderwiis. Dat lektoraat wurdt stal jûn yn in gearwurking tusken de Fryske Akademy, NHL Hegeskoalle en Stenden Hegeskoalle, mei subsidzje fan de provinsje Fryslân. De taakstelling fan it lektoraat is twadderlei:

- it opsetten fan in ynnovaasjeprojekt foar de oansluting fan trijetalich basisûnderwiis en meartalich fuortset ûnderwiis;
- it ûntwikkeljen fan in master meartaligens.

Troch it gearwurkingsferbân is der in relaasje tusken de beide learare-opliedings en it ûnderwiisûndersyk. It ûndersyk rjochtet him op twa aspekten: de parallelle ûntwikkeling fan de taalbehearsking fan de learlingen yn it Nederlânsk, it Frysk en it Ingelsk en de didaktyske aspekten fan it brûken fan Ingelsk en Frysk as fiertaal by oare fakken yn it fuortset ûnderwiis.

1.9 Stjoergroep desintralisaasje Fryske taal

Op 4 juny 2008 hawwe it kabinet en it Ynterprovinsjaal Oerlis oerienstimming berikt oer it Bestjoersakkoart ryk-provinsjes 2008-2011. Dêr binne ek ôfspraken yn makke om te kommen ta konkrete foarstellen foar in gearhingjende desintralisaasje en koördinaasje fan taken dy't ferbân hâlde mei de Fryske taal. Dêrfoar is in tydlike 'Stjoergroep desintralisaasje Fryske taal nei de provinsje Fryslân' ynstallearre. In rapport mei advizen en oanbefellings is yntusken (septimber 2010) klear en sil oanbean wurde oan de Ministers fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip en Binnenlânske Saken en oan it Kolleezje fan Deputearre Steaten.

De sketste ûntwikkelings fan de ôfrûne fjouwer jier litte sjen dat der op ferskillende nivo's wurke is en noch wurke wurdt oan it ferbetterjen fan rânebetingsten en oan in 'ynfrastruktuer'. Guon fan dy ûntwikkelings kinne effekt hawwe op it ûnderwiis yn it fak Frysk. It ûndersyk fan de ynspeksje is net spesifyk opset om de ûntwikkelings te evalúearjen, mar effekten fan de ferskillende inisjativen soene wol har wjerslach hawwe kinne op de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it fak Frysk.

2 Opset fan it ûndersyk

Dit haadstik beskriuwt de ûndersyksfragen (2.1), ûndersyksmetoaden (2.2), brûkte ynstruminten (2.3), de respons fan de skoallen en bestjoeren (2.4) en de útfierde analyzes (2.5).

2.1 ûndersyksfragen

It haaddoel fan dit ûndersyk is it fêststellen fan de stân fan saken oangeande it fak Frysk yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis. Dêrfoar binne de folgjende ûndersyksfragen formulearre:

1. Hoe jouwe basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis foarm oan it fak Frysk?
2. Hokker ûntwikkelings hawwe der yn fergeliking mei 2005 op skoallen west?

Skoallen foar spesjaal ûnderwiis binne neffens de WEC (Wet op de Expertise Centra) net ferplichte om Frysk te jaan, mar kinne wol plak ynromje foar de Fryske taal. Dêrom is as tredde ûndersyksfraach formulearre:

3. Hokker rol spilet it Frysk op skoallen foar spesjaal ûnderwiis?

As oanfolling dêrop binne ûndersyksfragen formulearre, dy't te krijen hawwe mei de bredere kontekst fan it Frysk ûnderwiis.

4. Is de taalsituaasje op Fryske skoallen feroare sûnt 2005?
5. Yn hoefier fiere skoalbestjoeren in belied oangeande it fak Frysk?
6. Hoe jouwe trijetalige basisskoallen foarm oan it fak Frysk?

2.2 Metoaden fan ûndersyk

It ûndersyk ken, as men nei it gehiel sjocht, twa dielen:

- Ynspeksjebesites yn in stekproef fan basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis. De ynspeksje hat in stekproef fan skoallen beoardiele oan 'e hân fan wurdearringsramten Frysk foar it primêr en fuortset ûnderwiis. Dat is it wichtichste ûnderdiel fan it ûndersyk, foar it earst út in spesifyk wurdearringsramt wei útfierd. Dy mooglikheid wie der yn 2005 noch net, om't de ynspeksje doe noch net wurdearringsramten hie, dy't tasnien wiene op it fak Frysk. De ûndersiken folgen de wenstige oanpak fan de ynspeksje dy't ek by oare skoalbesites tapast wurdt. Dat betsjut dat de ynspeksje dokuminten analysearre, lesbesites útfierde en petearen hie mei de direkteur fan de skoalle en eventuele oare relevante partners foar petear (lykas in taalkoördinator, as de skoalle dy hie).
- Survey-ûndersyk op de populaasje fan basisskoallen, skoallen foar fuortset ûnderwiis en skoallen foar spesjaal ûnderwiis. As oanfolling op de skoalbesites is in survey-ûndersyk op alle Fryske skoallen útfierd, útsein de skoallen dy't in ûntheffing hawwe foar Frysk, skoallen foar spesjaal basisûnderwiis en skoallen foar praktykûnderwiis (sjoch fierder 2.4). Direksjes en bestjoeren krigen fragelisten. Yn 2005 binne ek âlden, learlingen en leararen met help fan fragelisten ûnderfrege. Soks is yn it ûndersyk fan 2009 net bard om't dêr gjin grutte ferskowings ferwachte waarden.

2.3 Wurdearringsramt Frysk en oare ynstruminten

Yn de perioade 2007-2008 hat de ynspeksje in wurdearringsramt Frysk ûntwikkele foar it primêr ûnderwiis en it fuortset ûnderwiis. De ynhâld fan dy ramten is ûntliend oan de reguliere wurdearringsramten foar dy sektoaren. De wurdearringsramten Frysk binne yn 2007-2008 op in tal basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis test op brûkberens. Nei de evaluaasje fan dy pilot en nei oerlis mei Deputearre Steaten fan Fryslân binne de beide wurdearringsramten begjin 2009 offisjeel fêststeld. By de beoardieling fan de kwaliteit fan skoallen yn 2009 hawwe de wurdearringsramten Frysk liedend west

De wurdearringsramten omfetsje elk sân kwaliteitsaspekten mei by alle aspekten ien of mear yndikatoaren. By de skoalbesites binne yndikatoaren fan de folgjende kwaliteitsaspekten beoardiele:

- kwaliteitssoarch op it mêd fan Frysk;
- oanbod Fryske taal;
- ûnderwiistiid foar it fak Frysk;
- didaktysk hanneljen yn de lessen Frysk;
- it ôfstimmen yn de lessen Frysk;
- aktive rol fan learlingen yn de lessen Frysk;
- it toetsen fan de foarderings fan learlingen by Frysk.

Ek wetlike easken wurde oan 'e hân fan de wurdearringsramten beoardiele.

By elke yndikator is yn wurkynstruksjes foar ynspekteurs beskreaun oan hokker kritearia foldien wêze moat om ta in positive beoardieling te kommen. Fierders hiene de ynspekteurs lesobservaasjeformulieren en hantliedings foar de petearen ta har foldwaan. De ferslachjouwing fan de skoalbesites krige stal yn de foarm fan in rapportaazje oer elke skoalle.

Foar it survey-ûndersyk binne de fragelisten foar direksjes en bestjoeren út 2005 op 'e nij brûkt, mei oanpassings of oanfollings dêr't soks nedich wie. Yn de fragelisten foar direksjes kamen de folgjende ûnderwerpen oan de oarder:

- gearstalling learlingbefolking neffens Frysktaligens;
- taalgebrûk thús en op skoalle;
- belied oangeande Frysk en opfettings oer it fak Frysk;
- foech leararen foar it jaan fan Frysk;
- ûnderwiistiid foar Frysk as fak en as fiertaal;
- it neistribjen fan keardoelen Frysk;
- materialen en didaktyk yn lessen Frysk;
- it fêststellen fan foarderings fan learlingen by Frysk.

Yn de fragelisten foar bestjoeren fan basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis binne fragen steld oer:

- belied foar Frysk as fak en as fiertaal;
- it fak Frysk;
- ferbûnens by aktiviteiten op it mêd fan it Frysk.

De skoallen foar spesjaal ûnderwiis binne mei in koarte fragelist ûnderfrege oer de rol dy't it Frysk op har skoallen spilet.

2.4 Ûndersyksgroepen en respons

Skoal- en lesbesites

De skoal- en lesbesites binne útfierd op:

- 39 basisskoallen (117 lesbesites) en
- 17 skoallen foar fuortset ûnderwiis (40 lesbesites).

By de seleksje is yn it basisûnderwiis rekken holden mei de grutte fan de skoalle, de denominaasje en wêr't de skoalle geografysk situearre is. Yn it fuortset ûnderwiis is rekken holden mei de skoalsoarte, de denominaasje en wêr't de skoalle geografysk situearre is. Dêrneist is as dat mooglik wie oansletten by it reguliere skema fan besites fan de ynspeksje.

Yn it basisûnderwiis besocht de ynspeksje trije lessen Frysk de skoalle. Yn totaal binne sadwaande 117 lessen observearre. Omdat net alle skoallen Frysk yn de ûnderbou jouwe, is sprake fan in lichte oerfersjintwurdiging fan lessen yn de boppebou (62) neffens de ûnderbou (55).

Yn it fuortset ûnderwiis observearre de ynspeksje op syn minst twa lessen de skoalle, dêr't dat mooglik wie trije. Dat lêste wie it gefal op seis skoallen. It totaal tal observearre lessen Frysk yn it fuortset ûnderwiis is dêrmei fjirtich. By de oergrutte mearderheid fan lessen giet it om it earste learjier; de measte skoallen jouwe allinnich Frysk yn it earste learjier. Mar fjouwer lessen waarden jûn yn oare learjierren (learjierren 2, 3 en 4).

Survey basisûnderwiis en fuortset ûnderwiis

It survey-ûndersyk giet yn prinsipe om alle skoallen en bestjoeren foar it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis dy't ferplichte binne om Frysk te jaan.

De fragelisten foar direkteuren fan basisskoallen binne digitaal iepensteld foar 469 fan de yn totaal 492 Fryske basisskoallen.

- Skoallen foar spesjaal basisûnderwiis (mei-elkoar tolve) binne yn 2009 net benadere. Yn 2005 is dat wol bard mei help fan in fragelist dy't spesifyk foar dy groep ûntwikkele wie. Doe die bliken dat it benammen gie om it ynformeel brûken fan Frysk en dat skoallen op koarte termyn gjin feroarings yn dy situaasje ferwachten. Om dy reden is fan in op 'e nij befreegjen ôfsjoen.
- Skoallen op de Waadeilannen (mei-elkoar alve) binne ek net frege yn 2009. Yn 2005 binne wol inkele gegevens sammele oan de hân fan in fragelist dy't spesifyk foar dy skoallen makke wie. De skoallen op de Waadeilannen joegen gjin omtinken oan it Frysk en hiene dêr ek in ûntheffing foar. Dêrom binne dy skoallen ek net opnij ûnderfrege.

Fan de 469 oanskreaune basisskoallen hawwe 455 de direksjefragelist ynfolle. Der ûntbrekke dus 14 skoallen oftewol 3 prosint fan de benadere groep. Fan selektive respons dy't de ûndersyksresultaten beynfloedzje kin is gjin sprake. De 14 skoallen hearre by 12 ûnderskate bestjoeren en lizze ferspraat oer de provinsje. De measte skoallen dy't net antwurde hawwe binne iepenbier (9 fan de 14).

Yn it fuortset ûnderwiis binne fragelisten digitaal iepensteld foar de fêstigingsdireksjes fan 66 fêstigings.

- Praktykskoallen binne net frege, omdat yn 2005 bliken die dat se it Frysk allinnich ynformeel brûkten en gjin feroarings ferwachten op koarte termyn.
- Skoallen op de Waadeilannen binne net frege fanwege de ûntheffing dy't se hawwe foar it Frysk.

Fan de 66 fêstigings hawwe 55 direkteuren de fragelist ynfolle, oftewol 83 prosint fan it totaal. De non-respons is dus 17 prosint. De alve ûntbrekkende fêstigings lizze ferspraat oer de provinsje en hearre by njoggen ferskillende ynstellings. Fan al dy ynstellings hawwe oare fêstigings de fragelist wol ynfolle. De non-respons is dêrtroch net selektyf op ynstellingsnivo.

Op bestjoerlik nivo binne fragelisten ferstjoerd nei 85 bestjoeren, 63 fan skoallen foar basisûnderwiis en 22 fan skoallen foar fuortset ûnderwiis. Foar it fuortset ûnderwiis jildt dat alle bestjoeren mei ien of mear fêstigings yn Fryslân frege binne, ek as de mearderheid fan skoallen of fêstigings bûten dy provinsje sit.

Fan 77 bestjoeren kamen ynfolle fragelisten werom (56 bestjoeren basisûnderwiis, 21 fuortset ûnderwiis): sân bestjoeren fan basisskoallen en ien bestjoer fan skoallen foar fuortset ûnderwiis hawwe de fragen net beantwurde. De non-respons foar de bestjoeren út it basisûnderwiis is 11 prosint, foar it fuortset ûnderwiis 5 prosint. Yn it basisûnderwiis binne it benammen protestantsk-kristlike besjoeren dy't net respondearje, yn it fuortset ûnderwiis giet it om in iepenbier skoalbestjoer.

Survey spesjaal ûnderwiis

Fryslân hat 22 lokaasjes foar (fuortset) spesjaal ûnderwiis dy't hearre by fyftjin ferskillende skoallen. Fan fyftjin lokaasjes, dy't by trettjin skoallen hearre, binne gegevens ûntfongen. Inkele lokaasjes fan deselde skoalle hawwe oanjûn de fragen mienskiplik ynfolle te hawwen. It leit dêrom it meast foar de hân om de non-respons op skoalnivo te bepalen. Dy is 13 prosint.

Tabel 2.4 befettet gegevens oer de respons mei-elkoar. Oer it gehiel nommen is de respons tige heech.

Tabel 2.4 Respons survey-ûndersyk, skoallen en befoege gesach yn persintaazjes

Basisskoallen	97
Skoallen foar fuortset ûnderwiis	83
Skoallen foar spesjaal ûnderwiis	87
befoege gesach basisûnderwiis	89
befoege gesach fuortset ûnderwiis	95

2.5 Analyzes

Op de gegevens binne frekwinsjetellings en krústabelanalyzes útfierd. Dêr't dat relevant is, is neigien oft beskate ferskillen tusken groepen statistysk signifikant binne.

3 De taalsituaasje op skoallen yn Fryslân

De wichtichste ûndersyksfragen yn dit ûndersyk geane oer de kwaliteit fan it fak Frysk yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis. Gegevens dêroer komme yn de haadstikken 4 en 5 oan bod. Yn de fragelisten foar direksjes binne lykwols ek fragen steld oer de taalsituaasje op har skoallen. Dit haadstik beskriuwt hokker ynformaasje direksjes fan skoallen dêr oan de ynspeksje oan jûn hawwe. De gegevens jouwe in globale yndikaasje fan de taalkontekst wêryn't basisskoallen (3.1) en skoallen foar fuortset ûnderwiis (3.2) it fak Frysk jouwe.

3.1 De taalsituaasje yn it basisûnderwiis

Gearstalling fan de learlingbefolking neffens thústaal

Oan direksjes fan basisskoallen is krekt as yn earder ûndersyk fan de ynspeksje frege om te rûzen hoefolle learlingen thús Frysk, in streektaal of in allochtoane libbene taal lykas Turksk of Arabysk prate (tabel 3.1a). Yn 2005 sammele in tredde fan de direksjes dy't ûnderfrege wiene, systematysk ynformaasje oer de thústaal fan learlingen, bygelyks troch dêr by intake-petearen nei te freegjen of troch enkêtes ûnder âlden te hâlden. Yn 2009 dogge folle mear direksjes dat: 58 prosint freget nei de thústaal fan learlingen by de intake en 8 prosint hat âlden dêr yn in enkête nei frege. Goed twa tredde fan de direksjes hat no dus in systematyske oanpak folge, wat de betrouberens fan de ynformaasje te'n goede komt.

Tabel: 3.1a Persintaazjes basisskoallen dêr't learlingen thús Frysk, in streektaal of in allochtoane libbene taal prate, gegevens 2005 en 2009 (n=463 skoallen yn 2005 en 455 skoallen yn 2009)

	Frysk		Streektaal		Allochtoane libbene taal	
	2005	2009	2005	2009	2005	2009
> 75 prosint fan de learlingen	27	28	1	1	1	1
tusken 50 en 75 prosint fan de learlingen	24	24	4	1	-	1
tusken 30 en 50 prosint fan de learlingen	14	14	4	4	1	1
tusken 10 en 30 prosint fan de learlingen	15	15	8	8	6	4
< 10 prosint fan de learlingen	17	18	29	36	43	36
gjin learlingen dy't: Frysk/ streektaal/allochtoane libbene taal prate	3	1	54	50	49	57
Totaal	100	100	100	100	100	100

Frysktalige learlingen binne neffens direksjes yn de mearderheid op 52 prosint fan de basisskoallen yn Fryslân. Der binne amper skoallen dêr't hielendal gjin Frysktalige learlingen foarkomme. Neffens 2005 is der mar in hiel lyts bytsje feroare.

De trochsneed grutte fan de basisskoalle yn Fryslân is 133 learlingen. Lytsere skoallen hawwe in heger persintaazje Frysktalige learlingen. Skoallen dêr't mear as 75 prosint fan de learlingen thús Frysk praat, hawwe yn trochsneed 98 learlingen. Skoallen dêr't tusken 50 en 70 prosint fan de learlingen Frysk praat, hawwe yn trochsneed 115 learlingen. Skoallen dêr't minder as 10 prosint fan de learlingen Frysktalich is, hawwe yn trochsneed 183 learlingen. De oare kategoryen sitte dêr tuskenyn.

Learlingen dy't in streektaal prate of in allochtoane libbene taal komme op likernôch de helte fan de skoallen foar, krekt as yn 2005. Se binne lykwols tige seldsum yn de mearderheid: hast altyd giet it om minder as 10 prosint fan de folsleine learlingbefolking fan de skoalle.

Direksjes neame it Stedsfrysk as meast foarkommende streektaal (neamd troch 21 prosint fan de skoallen, yn 2005 troch in tredde). Foarbylden dêrfan binne it Ljouwerters, Snitsers, Dokkumers, Frjentsjerters en Harnzers. Minder faak neame direksjes it Stellingwerfsk as meast foarkommende streektaal op de skoalle (neamd troch 9 prosint fan de skoallen, wie 3 prosint yn 2005) of it Biltsk 5 prosint, wie 4 prosint yn 2005). Fierder neame inkele skoallen it Hylpers of streektalen fan de Waadeilannen. Ek net algemien erkende streektalen as it Gaasterlânsk en it Wâldfrysk wurde neamd.

Frysktaligens: feroarings yn de tiid

As inkele desennia werom sjoen wurdt yn de tiid, docht bliken dat it persintaazje skoallen dêr't neffens de direkteur mear as trijekwart fan de learlingen fan hûs út Frysktalich is of in streektaal praat, stadichoan weromrint (sjoch tabel 3.1b; de gegevens oer de perioade 1981-1999 binne ûntliend oan De Jong, 2001). Sûnt 2005 binne der lykwols amper mear feroarings. De persintaazjes út tabel 3.1b sizze allinnich wat oer de gearstalling fan skoallen sa't direksjes dy waarnimme, net oer feroarings yn it absolute tal learlingen yn de provinsje dat thús Frysk praat.

Tabel: 3.1b Dominânsje fan thústaal op basisskoallen: fergelyking yn de tiid

Persintaazje basisskoallen mei:	1981	1985	1988	1999	2005	2009
> 75 prosint fan de learlingen Frysk	51	45	34	32	27	28
> 75 prosint fan de learlingen streektaal	9	5	9	-	1	1

Goed in tredde fan de direksjes is fan miening dat it persintaazje Fryskpratende learlingen op skoalle de ôfrûne fiif jier sakke is (tabel 3.1c). In groei fan it tal Fryskpratende learlingen komt hast nearne foar. Skoallen lykje in bytsje better as yn 2005 op de hichte te wêzen fan de feroarings yn de learlingbefolking op dat mêd: it persintaazje direkteuren dat dêr gjin ynsjoch yn hat is sakke fan 17 nei 7.

Tabel: 3.1c Feroarings yn it persintaazje Fryskpratende learlingen yn de ôfrûne fiif jier (n=463 skoallen yn 2005 en 455 skoallen yn 2009)

	Persintaazje skoallen 2005	Persintaazje skoallen 2009
Mear Fryskpratende learlingen	2	2
Gjin feroaring	45	53
Minder Fryskpratende learlingen	36	38
Ûnbekend	17	7
Totaal	100	100

De skoallen dy't in groei fan it tal Fryskpratende learlingen melde, lizze benammen yn it noarden en it easten fan de provinsje. De skoallen dy't in delgong konstatearje, komme út 27 ferskillende gemeenten. Benammen skoallen út Skarsterlân, Hearrenfean, Ljouwert, Opsterlân, Smellingerlân en Littenseradiel binne fertsjintwurdige yn dy groep.

Frysktaligens fan direksjes

Krekt as yn 2005 seit twa tredde fan de direksjes (64 prosint, wie 65 prosint yn 2005) Frysktalich of twatalich grutbrocht te wêzen. Jongere direkteuren (oant 40 jier) binne minder faak Frysktalich of twatalich grutbrocht as âldere.

Frysk yn de kommunikaasje op basisskoallen

It Frysk is yn 2009 krekt as yn 2005 neffens in romme mearderheid fan direksjes de taal dy't leararen ûnderling ynformeel brûke. Yn oare situaasjes is it brûken fan it Frysk minder fanselssprekkend en slacht it Nederlânsk hieltyd mear foar master op. Streektalen spylje gjin rol fan betsjutting, ek net yn de ynformele kommunikaasje (tabel 3.1d).

Tabel: 3.1d It Frysk yn de kommunikaasje op basisskoallen, neffens direksjes (n=400 yn 2005 en n=455 yn 2009)

	Frysk		Nederlânsk		In streektaal	
	2005	2009	2005	2009	2005	2009
Leararen prate yn ynformele kontakten ûnderling meastal:	66	64	34	35	-	1
Yn de leararegearkomsten prate leararen meastal:	49	44	51	56	-	-
Leararen prate yn kontakten mei âlden meastal:	48	44	52	56	-	-
Âlden prate yn kontakten mei leararen meastal:	50	47	48	52	2	1
Leararen prate yn ynformele kontakten mei learlingen meastal:	43	37	57	63	-	-

Op 18 prosint fan de skoallen (wie 13 prosint yn 2005) is ôfpraat dat leararen de taal fan de âlden brûke as se petearen mei har hawwe. Op 11 prosint fan de skoallen prate alle leararen Nederlânsk mei âlden (wie 5 prosint) en op 1 prosint fan de skoallen prate alle leararen Frysk mei âlden (wie 1 prosint). Der binne gjin skoallen dêr't alle leararen yn de streektaal mei de âlden prate; dat wie yn 2005 ek nearne it gefal. Yn 2005 liet 81 prosint fan de skoallen it oan de leararen oer om út te meitsjen hokker taal se mei de âlden prate wolle. No giet it om 70 prosint fan de skoallen. Op dit punt liket dus wat faker in skoalbelied sichtber te wurden.

Yn de skriftlike kommunikaasje fan skoallen spilet Frysk lykas yn 2005 gjin rol fan betsjutting. It skoalplan is altyd yn it Nederlânsk skreaun en de skoalgids ek, allinnich is ynformaasje oer it fak Frysk op 7 prosint fan de skoallen (wie 9 prosint yn 2005) ek yn it Frysk beskreaun.

Notulen fan personielsgearkomsten, brieven en útnoegings oan âlden, nijsbrieven en skoalkranten binne praktysk altyd Nederlânsktalich. In lyts part fan de skoallen (4 oant 9 prosint) brûkt sawol it Frysk as it Nederlânsk; yn 2005 gie it om 3 prosint fan de skoallen. Streektalen spylje yn skreaune dokuminten op gjin inkele skoalle in rol.

3.2 De taalsituaasje yn it fuortset ûnderwiis

Gearstalling fan de learlingbefolking neffens thústaal

Fêstigingsdireksjes hawwe oanjûn hoefolle learlingen thús Frysk of in streektaal prate (tabel 3.2a). Fan in systematyske bepaling fan de taaleftergrûn fan learlingen is op in tredde fan de fêstigings sprake, bygelyks troch learlingen dernei te freegjen, troch der by de intake fan learlingen acht op te slaan of troch in enkête ûnder de âlden. Dat is mear as yn 2005: doe gie it om 13 prosint. Ek yn it basisûnderwiis gie it persintaazje skoallen omheech dat systematysk ynformaasje sammele: dêr bart dat no op twa tredde fan de skoallen, in folle heger persintaazje dus as yn it fuortset ûnderwiis.

Tabel: 3.2a Persintaazjes fêstigings fuortset ûnderwiis dêr't learlingen thús Frysk, in streektaal of in allochtoane libbene taal prate (n=46 fêstigings yn 2005 en 55 fêstigings yn 2009)

	Frysk		Streektaal		Allochtoane libbene taal	
	2005	2009	2005	2009	2005	2009
> 75 prosint fan de learlingen	26	22	2	-	-	-
tusken 50 en 75 prosint fan de learlingen	37	41	9	7	-	-
tusken 30 en 50 prosint fan de learlingen	24	22	4	9	-	4
tusken 10 en 30 prosint fan de learlingen	11	11	15	20	6	9
< 10 prosint fan de learlingen	2	4	46	51	70	67
gjin learlingen dy't: Frysk/streektaal/ allochtoane libbene taal prate	-	-	24	13	24	20

Frysktalige learlingen binne yn 2009 yn de mearderheid op 63 prosint fan de ûnderfrege fêstigings foar fuortset ûnderwiis; yn 2005 wie dat ek it gefal. Wol binne der no justjes minder fêstigings dêr't mear as trijekwart fan de learlingen Frysk praat. Fêstigings dêr't gjin Frysktalige learlingen foarkomme, binne der net.

Op in part fan de fêstigings praat in mearderheid fan learlingen thús in streektaal, meastal it Stedsfrysk, it Stellingwerfsk of it Biltsk. Fêstigings dêr't mear as 10 prosint fan de learlingen thús in allochtoane libbene taal lykas Turksk, Arabysk of Berber praat, komme net folle foar.

De gegevens fan 2009 ferskille hjir en dêr fan 2005, mar dêrby moat net fergetten wurde dat de tabel persintaazjes werjout dy't op in relatyf lyts tal fêstigings berekkene binne. Dêrtroch kinne feroarings op twa of trije fêstigings al ferskowings feroarsaakje. De wichtichste konklúzje is dan ek, dat der oer it generaal, lykas yn it basisûnderwiis, net folle feroare is yn de gearstalling fan de learlingbefolking fan it fuortset ûnderwiis.

Frysktaligens: feroarings yn de tiid

Net ien fan de ûnderfrege fêstigingsdireksjes seach de ôfrûne fiif jier in groei fan it tal Frysktalige learlingen. Neffens de measten fan har (35 fan de 55 fêstigings) binne der gjin feroarings. In part fan de direksjes (acht fêstigings) witte dat net krekt.

Neffens tolve direksjes is der sprake fan in tebekrinnen fan it tal Frysktalige learlingen (22 prosint fan de fêstigings; yn 2005 gie it om in tredde fan de fêstigings). De fêstigings lizze foaral yn Smellingerlân en Ljouwert. Dêrneist binne der ek fêstigings yn Weststellingwerf, Boarnsterhim, Snits, Tytsjerksteradiel, Littenseradiel en Skarsterlân dy't in tebekrinnen fan Frysktalige learlingen konstatare. Wat Smellingerlân, Ljouwert, Littenseradiel en Skarsterlân oanbelanget, joegen ek direksjes fan basisskoallen út dy gemeenten oan dat der minder Frysktalige learlingen op har skoallen sitte as inkele jierren lyn.

Frysktaligens fan fêstigingsdireksjes

Yn 2005 sei 58 prosint fan de fêstigingsdireksjes dat se sels Frysktalich of twatalich grutbrocht wiene. Yn 2009 jildt dat foar 46 prosint. Der is gjin ferbân mei de leeftyd fan de direkteuren, lykas yn it basisûnderwiis.

Frysk yn de kommunikaasje op skoallen foar fuortset ûnderwiis

It Frysk spilet op in soad fêstigings foar fuortset ûnderwiis wol in rol yn de mûnlinge, mar net yn de skriftlike kommunikaasje (tabel 3.2b). Yn tsjinstelling ta yn 2005 koene direkteuren no net mear oanjaan dat beide talen brûkt wurde yn in beskate situaasje, mar moasten se kieze tusken Frysk en Nederlânsk.

Tabel: 3.2b Mjitte wêryn't Frysk mûnling brûkt wurdt, yn persintaazjes (n=36 fêstigings yn 2005 en 40 fêstigings yn 2009 dêr't it fak Frysk jûn wurdt)

	Frysk		Nederlânsk		Beide	
	2005	2009	2005	2009	2005	2009
Leararen prate yn ynformele kontakten ûnderling meastal:	60	58	26	42	14	-
Âlden prate yn kontakten mei leararen meastal:	43	35	43	65	16	-
Leararen prate yn ynformele kontakten mei learlingen meastal:	43	45	38	55	19	-
Leararen prate yn kontakten mei âlden meastal:	31	23	51	77	18	-
Yn de leararegearkomsten prate leararen meastal:	17	10	77	90	6	-

Leararen prate meastal Frysk ûnder elkoar, lykas yn 2005. Ek mei learlingen prate leararen faak Frysk. Yn oare situaasjes (de leararegearkomste, petearen mei âlden) stiet it Frysk mear op 'e eftergrûn: dêr oerhearsket it Nederlânsk. Yn fergeliking mei 2009 is it Frysk yn de mûnlinge kommunikaasje op skoallen in bytsje tebekrûn.

Oer de taal dy't leararen mei âlden achte wurde te praten, binne lykas yn 2005 meastal gjin ôfspraken makke. Op trijekwart fan de skoallen meitsje leararen dat sels út. Op 13 prosint fan de skoallen is ôfpraat dat leararen yn it Nederlânsk mei de âlden prate, op 9 prosint fan de skoallen prate leararen de taal dy't âlden prate wolle. Ien fêstiging hat de prinsipe-ôfspraak dat leararen Frysk mei âlden prate.

Yn de skriftlike kommunikaasje spilet it Frysk hast gjin rol, lykas yn 2005. Skoalplan en skoalgids ferskine yn it Nederlânsk, lykas bulletins foar âlden en nijsberjochten. It Frysk wurdt troch in lyts tal fêstigings (ien oant sân) brûkt by de ynformaasje oer it fak yn de skoalgids en yn de skoalkrante.

4 Frysk yn it basisûnderwiis

Dit haadstik beskriuwt hoe't reguliere basisskoallen Frysk as fak jouwe en Frysk as fiertaal brûke. Yn it earste part fan dit haadstik wurde de beoardielings beskreaun dy't de ynspeksje oan 'e hân fan it wurdearringsramt Frysk jûn hat op 39 basisskoallen (4.1). Yn it twadde part komme de gegevens oan bod dy't direksjes fan basisskoallen jûn hawwe. Dêrby giet it om faktoaren op it nivo fan de skoalle (4.2) en om faktoaren op it nivo fan de klasse en de learaar (4.3).

4.1 De kwaliteit fan it Frysk op basisskoallen

Yn jannewaris 2009 hat de ynspeksje in wurdearringsramt ûntwikkele dêr't skoallen mei beoardiele wurde kinne op har ynspannings foar it Frysk (sjoch ek haadstik 2). Tabel 4.1a befettet de oardielen oer de 39 besochte basisskoallen. De oardielen binne foar safier't dat mooglik is, ôfset tsjin it lanlik byld, sa't dat nei foaren komt út in lanlike stekproef fan basisskoallen dy't ûndersocht binne foar de basisfakken taal en rekkenjen (Ynspeksje fan it ûnderwiis, 2010).

Tabel 4.1a Persintaazje foldwaande beoardiele skoallen op de yndikatoaren fan it wurdearringsramt Frysk (=39 basisskoallen) yn fergeliking mei it algemiene wurdearringsramt foar basisskoallen (=375 basisskoallen)

Kwaliteitssoarch	Fryslân, fak Frysk	Lanlik, basisfakken taal en rekkenjen
De skoalle hat ynsjoch yn ferskillen yn ûnderwiisferlet fan syn learlingepopulaasje op it mêd fan Fryske taal	74	86
De skoalle evaluearret systematysk de kwaliteit fan de opbringsten fan it Frysk	5	67
De skoalle evaluearret systematysk de kwaliteit fan it ûnderwiis fan de Fryske taal en kultuer	21	74
De skoalle wurket planmjittich oan ferbetteraktiviteiten foar de Fryske taal	56	81
De skoalle boarget de kwaliteit fan de Fryske taal en kultuer	33	78
De skoalle rapportearret oan belanghawwenden ynsichtlik oer de realisearre kwaliteit fan it Frysk	31	76
Oanbod Fryske taal		
It oanbod foar Frysk is dekkend foar de keardoelen	77	96
De learynhâlden Fryske taal yn de ferskate learjierren slute op elkoar oan	64	nft
De skoalle biedt learlingen mei ferskillende taaleftergrûnen learynhâlden oan foar Frysk dy't passe by it ûnderwiisferlet fan dy learlingen	51	nft

Tiid	Fryslân, fak Frysk	Lanlik, basisfakken taal en rekkenjen
Der wurdt foldwaande ûnderwiistiid pland foar Frysk	61	nft
Didaktysk hanneljen		
De leararen realisearje by Frysk in wurksfear dy't by de taak past.	97	100
De leararen lizze yn de lessen Frysk dúdlik út	95	94
De leararen jouwe yn de lessen Frysk eksplisyt ûnderrjocht yn strategyen foar it begripen fan Fryske wurden en teksten	59	nft
De leararen drage yn de lessen Frysk mei help fan lear- en helpmiddels by oan in útdaagjende learomjouwing	97	nft
Aktive rol learlingen		
De learlingen binne yn de lessen Frysk aktyf behelle yn ûnderwiisaktiviteiten	97	98
Ôfstimming		
De leararen folgje de taal- en lêsoarderings Frysk fan har learlingen systematysk	10	94
De leararen stimme de ynstruksje en ferwurking by Frysk ôf op it ûnderwiisferlet fan de learlingen	31	69 (ynstr) 79 (ferw)
It taalgebrûk fan de leararen past by it taalferlet fan de learlingen	95	nft
It toetsen		
De leararen brûke toetsen dy't net bûn binne oan ien beskate metoade foar it fêststellen fan de foarderings op it mêd fan de Fryske taal	28	nft
Wet- en regeljouwing		
Alle leararen dy't ûnderwiis yn de Fryske taal jouwe, hawwe foech dêrta	49	nft
Yn de skoalgids steane de doelen oangeande it Frysk beskreaun	46	nft
Yn it skoalplan stiet in beskriuwing fan it oanbod Frysk	64	nft

De spesifike kwaliteitssoarch oangeande it Frysk is mar beheind ûntwikkele. De measte skoallen hawwe wol ynsjoch yn de ferskillen tusken learlingen wat de behearsking fan it Frysk oanbelanget en goed de helte besiket it fak te ferbetterjen. De oare yndikatoaren meitsje dúdlik dat it dêr faak by bliuwt. In tredde fan de skoallen soarget foar boarging fan de kwaliteit fan it Frysk en rapportearret nei bûten ta oer dy kwaliteit. Minder as in kwart sjocht kritysk nei de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer. Der binne hast gjin skoallen dy't wurk meitsje fan it evaluearjen fan learresultaten.

Oangeande it oanbod soargje de measte skoallen derfoar dat se de keardoelen Frysk dekke en dat der in troch rinnende line is. In passend oanbod foar learlingen mei ferskate eftergrûnen is noch net húsriem.

By it beoardieljen fan de ûnderwiistiid foar Frysk is it kritearium dat yn elk gefal yn de boppebougroepen (7 en 8) op syn minst trije kertier yn 'e wike ynroastere wurde moat. Op in tredde fan de skoallen is dat net it gefal.

Oangeande it didaktysk hanneljen binne de wurksfear, de útlis en de learomjouwing op de measte skoallen as foldwaande beoardiele. Boppedat binne learlingen meastentiids ek belutsen by de les. Leararen slagje der lykwols noch faak ûnfoldwaande yn om learlingen strategyen oan te learen, lykas it reflektearjen op taalgebrûk, de kontekst te brûken of de oanpak fan skriuwoptochten fan tefoaren te besprekken.

Op mar in tredde fan de skoallen is sprake fan in adekwaat ôfstimmen fan ynstruksje en ferwurking. Dat sa'n bytsje skoallen it ûnderwiis ôfstimme op ferskillen yn feardichheden yn it Frysk fan learlingen fernuveret jin, omdat dy yn it each springe en sûnder in soad gedoch ienfâldich fêst te stellen binne. It brûken fan toetsen en it folgjen fan foarderings fan learlingen binne hast net ûntwikkele. Dêrtroch ûntbrekt wol de basis foar in ôfstimmen fan it ûnderwiis dat mear ferfine is.

Op de helte fan de skoallen jouwe leararen Frysk dy't dêr net it foech ta hawwe. Likernôch de helte fan de skoallen seit wat oer it Frysk yn de skoalgids en wat mear as de helte docht dat yn it skoalwurkplan. Soms stiet ditsoarte ynformaasje yn it taalbeliedsplan. Út it eachpunt fan ynformaasje oan âlden is opnimmen yn de skoalgids en/of it skoalplan (de wetlik ferplichte dokuminten) lykwols ek fan belang.

Neffens it lanlik byld oangeande taal en rekkenjen bliuwe de skoallen sterk efter yn kwaliteitssoarch oangeande it Frysk, it ôfstimmen yn de les en it toetsen fan foarderings. It didaktysk hanneljen wykt fierder net folle ôf fan it lanlik byld sa't de ynspeksje dat waarnimt oangeande de fakken taal en rekkenjen.

Fergelyking mei 2005

Yn 2005 hie de ynspeksje noch net in wurdarringsramt ta syn foldwaan, mar binne wol lessen observearre. De gegevens fan de beide mjitmominten binne foar in part fergelykber. Út de lesobservaasjes die doe bliken, dat de measte leararen har foldwaande rêde as it giet om pedagogysk hanneljen, ynstruksje en klassemangement. Dat is no ek it gefal. Swakke punten wiene doe it ôfstimmen op ferskillen tusken learlingen en it aktivearjen fan learproessen. Ôfstimmen en omtinken foar learstrategyen binne ek no swakke punten. It ynfieren fan de nije metoade Studio F hat noch net laat ta mear ôfstimmen fan it ûnderwiis op Frysktalige en net-Frysktalige learlingen.

4.2 Faktoaren op skoalnivo

Alle basisskoallen sûnder formele ûntheffing foar Frysk moatte yn prinsipe omtinken oan it Frysk jaan. Fan alle 455 skoallen sizze 33 skoallen (7 prosint) gjin Frysk te jaan. Dy skoallen komme hast allegear út de gemeenten Eaststellingwerf, Weststellingwerf en Ljouwert. Minder as 10 prosint fan de learlingen op dy skoallen praat thús Frysk.

Ûnder de fjirtjin net-respoundearjende skoallen sitte nei alle gedachten ek skoallen dy't gjin omtinken jouwe oan it Frysk. It persintaazje skoallen dêr't Frysk gjin rol spilet yn it ûnderwiisprogramma komt dêrtroch út op op syn heechst 8,5 prosint (fjirtich fan yn totaal 469 skoallen, sjoch haadstik 2). Der binne skoallen dy't har beroppe op de ûntheffingsregeling, wylst se dy formeel net krigen hawwe.

Belied fan direksjes

Twa tredde fan de direksjes stelt systematysk fêst hokker taal learlingen thús prate, troch dêr by de intake nei te freegjen of troch in enkête ûnder âlden. Dat is in stiging neffens 2005, doe't mar in tredde fan de direkteuren dat die (sjoch ek haadstik 3).

De direksjes fan alle basisskoallen is frege oft de skoalle in taalbeliedsplan hat en sa ja, wat de ynhâld fan dat plan is. Goed de helte fan de skoallen seit in taalbeliedsplan te hawwen. Dat is folle mear as yn 2005, doe't 12 prosint sa'n plan hie (tabel 4.2a). Yn de measte plannen is it taalbelied oangeande it Nederlânsk en it Frysk opnommen en wat minder ek it belied oangeande it Ingelsk. De measte plannen jouwe omtinken oan it oanbod, ferbetterings yn it taalûnderwiis en de taal dy't learlingen thús prate.

Tabel 4.2a Persintaazje skoallen mei taalbeliedsplan en ynhâld taalbeliedsplan yn 2009 (n=455)

Taalbeliedsplan oanwêzich	52
It taalbeliedsplan beskriuwt:	
taalbelied Nederlânsk	49
taalbelied Frysk	42
taalbelied Ingelsk	33
taalbelied streektaal	4
taalbelied allochtoane libbene talen	3
hjoeddeistich oanbod talige fakken	43
winske oanbod talige fakken	34
foarnommen ferbetteraktiviteiten talige fakken	44
It taalbeliedsplan befettet in analyze fan de:	
thústaal learlingen	43
taalsituaasje leararen	26

Oan de skoallen is dêrnei frege oft se har fisy op it fak Frysk fêstlein hawwe. Dat is yn de measte gefallen yndied bard neffens direkteuren; mar 16 prosint seit neat fêstlein te hawwen (yn 2005 gie it noch om 23 prosint fan de skoallen). Foar it fêstlizzen brûkt 42 prosint fan de skoallen it taalbeliedsplan. Dat jilde yn 2005 foar mar 7 prosint fan de skoallen. Oare dokuminten dêr't skoallen har fisy yn fêstlizze binne it skoalplan (50 prosint yn 2009, 63 prosint yn 2005) en de skoalgids (46 prosint yn 2009, 40 prosint yn 2005). De persintaazjes komme boppe de 100 út, omdat direkteuren ûnderskate dokuminten oanjaan koene as se it Frysk yn mear as ien dokumint beskriuwe.

Hast in kwart fan de skoallen hat in taalkoördinator en noch ris 8 prosint kin in berop dwaan op in boppeskoalske taalkoördinator. It tal skoallen is dêrmei yn 2009 folle heger as yn 2005 (144 skoallen no tsjinoer 41 yn 2005). De taalkoördinatoaren hâlde har benammen dwaande mei it skriuwen fan taalbeliedsplannen (dêr't it Frysk diel fan útmakket) en it begelieden fan de ynfiering fan nije materialen of metoaden foar Frysk. Krekt as yn 2005 binne aktiviteiten as it analysearjen fan prestaasjes fan learlingen by Frysk en coaching fan leararen by it jaan fan Frysk folle minder gebrûklik.

Hast ien op de fiif skoallen (19 prosint) is belutsen by spesifike projekten oangeande it Frysk, lykas de trijetalige skoalle, Sânglê's-rige/Tomke of de Fryske digilessen. Yn 2005 gie it om 2005 prosint. Hjir is dus ek in dúdlike groei te sjen.

Foegen fan leararen

De regeling foar it foech foar Frysk yn it basisûnderwiis bestiet sûnt 1980. Op basis fan de ynformaasje fan direkteuren docht bliken dat de helte fan de leararen yn it Frysk basisûnderwiis yn 2009 in foech hat foar it Frysk. Mooglik leit it feitlike persintaazje heger, omdat de direkteuren foar 28 prosint fan har leararen net witte oft se befoege binne. Yn trochsneed is op in skoalle 54 prosint fan de leararen befoege. Dat is minder as yn 2005, doe't direkteuren opjoegen dat yn trochsneed 67 prosint befoege wie. Op de 455 skoallen út it ûndersyk wurkje, neffens opjefte fan de direkteuren, yn totaal 5020 leararen, yn trochsneed alve de skoalle (tabel 4.2b).

Tabel: 4.2b Tal en persintaazje leararen mei foech foar it fak Frysk yn 2009 (n=455 skoallen en 5020 leararen)

	Tal leararen	Persintaazje leararen
Foech ûnbekend by direkteur	1409	28
Gjin foech foar Frysk	1110	22
Skoalsertifikaat PA	907	18
Applikaasjekursus Frysk	487	10
Oantekening W/akte W	418	8
Afûk A, B, C	218	4
Akte Frysk LÚ	205	4
Eksamen Frysk basisûnderwiis	158	3
Frysk akte A	53	2
Akte fan bekwamens Frysk (1e, 2e, 3e graad)	36	1
Frysk akte B	14	-
Doktoraal Frysk	5	-
Totaal	5020	100

Fan de ûnderfrege direkteuren fynt 8 prosint dat alle leararen in foech hawwe moatte foar Frysk; yn 2005 wie dat 4 prosint. Twa tredde fan de direkteuren (68 prosint) ferplichtsje har leararen net om in foech te heljen. Hast in kwart (24 prosint) ferplichtet leararen wol ta it heljen fan in foech as der net genôch befoege leararen op skoalle binne dy't Frysk jaan kinne; yn 2005 gie it dêrby om 13 prosint. Direkteuren lykje dus in bytsje mear ree te wêzen har leararen oan te fiterjen om in foech Frysk te heljen. Foar net elk is dúdlik hokker foegen/bekwamens foar it Frysk akseptearre wurde as jildend foech.

Der binne ek mear direkteuren dy't easken op it mêd fan it Frysk stelle oan nije leararen. Yn 2005 die krapoan de helte dat, no 73 prosint. Se fine it wichtich dat nije leararen Frysk op syn minst ferstean kinne. Praten, lêzen en benammen skriuwen achtsje se minder wichtich. In bytsje mear as de helte fan de direkteuren stelt ek easken oan klasse-assistinten, lio's, stazjêres en ûnderwiisstypjend persoaniel. In tredde stelt boppedat easken oan âlden dy't helpe yn it ûnderwiis. Yn alle gefallen stiet dan it ferstean fan it Frysk foarop.

Opfettings oer it fak Frysk

De redenen wêrom't skoallen neffens har direkteuren Frysk jouwe, binne yn tabel 4.2c fergelike mei eardere peilings.

Tabel 4.2c Opfettings fan direksjes (n=400 yn 2005 en n=455 yn 2009) oer it ûnderwiis yn it Frysk, yn persintaazjes

Wy jouwe Frysk omdat:	1999*	2005	2009
it wetlik ferplichte is	27	35	26
learlingen yn in twatalige situaasje funksjonearje kinne moatte	38	30	32
we in bydrage leverje wolle oan it behâld fan de Fryske taal en kultuer	21	25	31
we de kleau tusken thústaal en skoaltaal foar learlingen oerbrêgje wolle	12	8	4
kombinaasje fan útgongspunten	2	-	-
net fan tapassing (gjin Frysk op skoalle)		2	7

*de sifers foar 1999 binne ûntliend oan in publikaasje fan de Ynspeksje fan it ûnderwiis út 2001

Lykas earder opmurken is, jout 7 prosint fan de ûnderfrege skoallen (út de Stellingwerven en Ljouwert) gjin Frysk. De measte skoallen jouwe Frysk omdat learlingen yn in twatalige situaasje funksjonearje kinne moatte. Yn fergeliking ta eardere mjittings giet it persintaazje skoallen dat in bydrage leverje wol oan de Fryske taal en kultuer omheech en sakket it persintaazje dat benammen de kleau tusken de thústaal en skoaltaal oerbrêgje wol troch it jaan fan Frysk. In kwart fan de skoallen jout Frysk omdat it neffens de wet moat, in like heech persintaazje as tsien jier ferlyn.

Twa tredde fan de direkteuren giet der, lykas yn 2005 fan út dat de measte âlden it goed fine dat de skoalle omtinken jout oan it Frysk. In tredde tinkt dat âlden Frysk net sa wichtich fine. Der binne gjin direkteuren mear dy't tinke dat âlden wolle soene dat de skoalle mear oan Frysk docht (tabel 4.2d).

Tabel 4.2d Opfettings fan âlden oer it Frysk op de basisskoalle neffens de direkteuren (n=400 yn 2005 en 455 yn 2009), yn persintaazjes

De measte âlden fan learlingen op ús skoalle fine:	2005	2009
it goed dat we op skoalle omtinken jouwe oan Frysk	65	67
dat we op skoalle folle mear oan Frysk dwaan moatte	1	-
Frysk net sa wichtich	34	33

Direksjes skatte de motivaasje fan learlingen foar it Frysk yn it algemien as neutraal yn (tabel 4.2e). Se binne justjes geunstiger begûn te tinken oer de motivaasje: der binne minder direkteuren dy't de learlingen swak motivearre achtsje en wat mear dy't har sterk motivearre achtsje. Neffens oare taalfakken bliuwt de motivaasje foar Frysk neffens direkteuren lykwols sterk benefier: direkteuren sizze bygelyks nea dat learlingen foar Nederlânsk of Ingelsk swak motivearre binne. Hast de helte fan har neamt de motivaasje fan learlingen foar Nederlânsk sterk en foar Ingelsk seit goed de helte dat.

Tabel 4.2e Motivaasje fan learlingen foar Frysk, neffens direksjes (n=400 yn 2005 en 455 yn 2009), yn persintaazjes

	2005	2009
swak	43	30
neutraal	55	62
sterk	2	8

4.3 Faktoaren op it nivo fan klasse en learaar

Ûnderwiistiid Frysk as fiertaal en as fak

Skoallen kinne tiid oan Frysk besteegje troch it Frysk as fak yn te roasterjen, mar ek troch it Frysk as fiertaal te brûken by oare fakken (Tabel 4.3a).

Tabel 4.3a Rûsd tal minuten wyks, de groep bestege oan it brûken fan Frysk as fiertaal (n=455) en oan it fak Frysk (n=422)

Groep:	1	2	3	4	5	6	7	8
rûsd tal minuten fiertaal wyks	169	162	84	82	79	72	69	69
rûsd tal minuten fak Frysk wyks	64	62	42	43	44	47	44	44

It brûken fan it Frysk as fiertaal is net goed mei 2005 te fergelykjen, omdat de fragen dêroer doe troch in soad skoallen net beäntwurde binne. Yn 2009 jouwe direkteuren oan, dat Frysk benammen yn de ûnderbou in soad as fiertaal brûkt wurdt (yn trochsneed hast trijen oeren wyks). Yn de learjierren dêrnei sacket dat gebrûk oant goed in oere. In part fan de skoallen brûkt

It Frysk net as fiertaal. Yn de ûnderbou giet it om 117 skoallen en dat tal rint stadichoan op oant 161 skoallen dy't yn de boppebou it Frysk net as fiertaal brûke.

It Frysk wurdt as fiertaal it meast brûkt by kreative fakken: op sa'n 60 prosint fan de skoallen bart dat wol ris. Ek by wrâldoriïntaasje (53 prosint) en bewegingsûnderwiis (50 prosint fan de skoallen) sette skoallen it Frysk yn. By de basisfakken taal, lêzen en rekkenjen/wiskunde komt it Frysk as fiertaal minder frekwint foar (respektivelik op 36, 40 en 43 prosint fan de skoallen).

Yn de learjierren 1 en 2 fan de basisskoalle wurdt de measte tiid yn it fak Frysk stutsen: in oere wyks (tabel 4.3a). Yn de hegere learjierren rint dat werom nei likernôch trije kertier wyks. Yn fergeliking mei 2005 is de tiid foar it fak Frysk yn learjier 1 en 2 tanommen: doe melden direksjes dat yn trochsneed in heal oere wyks oan Frysk bestege waard yn dy learjierren. Net alle skoallen dy't it fak Frysk op it roaster hawwe, jouwe dat fak yn alle learjierren. Yn de ûnderbou docht 12 prosint fan de skoallen neat oan Frysk, yn de hegere learjierren fariearret dat persintaazje fan 16 oant 24.

Kearndoelen as rjochtline foar it oanbod Frysk

De kearndoelen Frysk beneame de feardichheden dêr't skoallen yn har oanbod op ta wurkje moatte soene. De direkteuren is frege hoefolle prosint fan de Frysktalige en net-Frysktalige learlingen neffens har oardiel de bedoelde feardichheden troch it oanbod ek werklik berikke oan de ein fan groep 8 (4.3b).

Tabel 4.3b Berikken fan feardichheden lykas neamd yn de kearndoelen Frysk neffens direksjes (n=455)

Feardigens neamd yn keardoel Frysk	keardoel yn oanbod ferwurke		berikt troch persintaazje Frysktalige learlingen		berikt troch persintaazje net-Frysktalige learlingen	
	2005	2009	2005	2009	2005	2009
positive attitude foar it brûken fan it Frysk oer	77	85	81	86	56	66
ynformaasje krije út sprutsen Frysk	62	80	80	86	60	66
him of har yn it Frysk útdrukke yn situaasjes út it deistich libben	57	78	85	86	44	45
ynformaasje krije út teksten yn it Frysk	40	76	80	80	55	55
ienfâldige teksten yn it Frysk skriuwe	19	64	63	49	47	29
wurdskat krije fan tige frekwint brûkte Fryske wurden	45	71	74	72	50	47

In part fan de skoallen stribbet beskate kearndoelen op dit stuit net doelfêst nei fia it oanbod Frysk. Benammen it skriuwen en it krijen fan in wurdskat bliuwe faak út. It krijen fan in positive attitude is de feardigens dy't de measte skoallen wol troch har oanbod besykje te befoarderjen.

De grutte mearderheid fan Frysktalige learlingen slagget it neffens direkteuren om in positive attitude te ûntwikkeljen foar it Frysk oer, Frysk te ferstean, te praten en te lêzen. Ek de wurdskat wurdt ûntwikkele. De helte fan dy groep learlingen leart lykwols ek teksten te skriuwen yn it Frysk. De resultaten foar de net-Frysktalige learlingen skatte direkteuren minder posityf yn. Twa tredde fan har ûntwikkelet in positive attitude en kin Frysk ferstean, mar likernôch de helte kin Frysk prate, lêze en beskikt oer in basale wurdskat. Frysk skriuwen leart op syn heechst in kwart fan dy learlingen.

Yn fergeliking mei 2005 is de dekking fan alle kearndoelen neffens it oardiel fan de direkteuren yn it oanbod ferbettere. De nije metoade Studio F sil dêr foar in grut part ferantwurdlik foar wêze. It oardiel fan direkteuren fan wat learlingen berikke, is wat geunstiger op de measte ûnderdielen, allinnich lykje se de skriuwfeardichheden ûngeunstiger te beoardieljen.

Materialen en didaktyk

Yn tabel 4.3c is oanjûn hokker materialen skoallen neffens de direksjes brûke by it fak Frysk. Direksjes koene meardere materialen neame, sadat de persintaazjes boppe 100 útkomme.

Tabel 4.3c Materialen yn gebrûk by it fak Frysk neffens direksjes (n=400 yn 2005 en 455 yn 2009), yn persintaazjes

	2005	2009
Studio F (systematysk)	-	68
materialen skoalle-tv	64	55
ferskate materialen Taalsintrum Frysk	56	30
Studio F (as boarneboek)	-	21
Taalrotonde (as boarneboek)	54	19
materialen skoalle-radio	35	18
Ikke	-	14
Sânglês-rige/Tomke	1	11
selsmakke materialen yn it Frysk	10	11
Taalrotonde (systematysk)	33	3
Skriuwtaal	8	3

Twa tredde fan de basisskoallen wurket yntusken mei de nije metoade foar Frysk, Studio F. Dy skoallen brûke de metoade systematysk. Dêrneist brûkt ien op de fiif skoallen Studio F as boarneboek. It is dúdlik dat dy nije metoade sûnt it ûndersyk yn 2005 mei faasje yngong fûn hat op de Fryske skoallen. Dat hat derta laat dat de âlde metoade Taalrotonde nei de eftergrûn ferdwûn is: der binne amper mear skoallen dy't dy metoade noch systematysk brûke. Neist Studio F is benammen de skoaltelevyze populêr, wat yn 2005 ek sa wie.

Direkteuren tinke yn 2009 positiver oer in trochrinnende line yn it oanbod Frysk fan groep 1 oant en mei groep 8: 59 prosint seit dat der no sa'n trochrinnende line is. Yn 2005 fûn mar 37 prosint fan de direkteuren dat. De trochrinnende line kin fersterke wurde as basisskoallen mei pjutteboartersplakken en it fuortset ûnderwiis kontakten ûnderhâlde oer it Frysk. Ôfspraken oer it Frysk mei pjutteboartersplakken komme foar op 13 prosint fan de basisskoallen (yn 2005 gie it om 5 prosint). Ek ôfspraken mei oare basisskoallen komme wat faker foar as yn 2005 (no op 11 prosint fan de skoallen, doe op 6 prosint). Der binne lykwols noch hieltyd amper basisskoallen dy't ôfspraken oer it Frysk meitsje mei skoallen foar fuortset ûnderwiis of skoallen foar spesjaal (basis) ûnderwiis.

Differinsjaasje

Neffens justjes mear as de helte fan de direkteuren (55 prosint) hâlde leararen by Frysk no rekken mei ferskillen tusken Frysktalige en net-Frysktalige learlingen. Dat is in folle heger persintaazje as yn 2005, doe't mar 26 prosint dat fûn. Fan de skoallen dy't de ynspeksje oan de hân fan it wurdearringsramt Frysk ûndersocht, lit krapoan in tredde foldwaande ôfstimming sjen. It liket der dus op dat direkteuren te optimistysk binne oer de situaasje yn de lessen Frysk.

Fêststellen fan en rapportearjen oer foarderings

Yn 2005 joech in grutte mearderheid fan direkteuren (76 prosint) oan dat learlingen foar it fak Frysk net systematysk toetst waarden. Yn 2009 sei noch hast de helte fan de direkteuren dat (46 prosint). As learlingen toetst wurde, bart dat meastal mei de toetsen fan Studio F (36 prosint fan de skoallen). De metoade wurdt op folle mear skoallen brûkt (sjoch tabel 4.3c), mar dat liedt blykber net oeral ek ta it brûken fan toetsen. Oare toetsen as dy fan Studio F komme hast net foar (Twa Minute Toets fan Cito op 12 prosint fan de skoallen, Ôfslutingstoets Afûk A en B op respektivelik 10 en 6 prosint fan de skoallen, toetsen fan de Fryske Akademy op 4 prosint fan de skoallen).

Op hast in kwart fan de skoallen (23 prosint) krije learlingen gjin sifer of beoardieling foar Frysk op har rapport. Dat wie yn 2005 fergelykber. Op de oare skoallen krije learlingen wol in sifer of beoardieling, meastal yn alle groepen mar soms allinnich yn de boppebou.

As skoallen in ûnderwiiskundich rapport foar learlingen opstelle, meitsje se meastal (op 54 prosint fan de skoallen; yn 2005 gie it om 63 prosint) gjin melding fan de feardichheden fan learlingen yn it fak Frysk. In kwart fan de skoallen fermeldt dêr allinnich wat oer as de learling nei in oare skoalle yn Fryslân giet; yn 2005 die in selde persintaazje dat. In lyts part fan de skoallen, 13 prosint, fermeldt altyd wat oer de feardichheden yn it Frysk. Yn 2005 gie it om 2005 prosint.

5 Frysk yn it fuortset ûnderwiis

Dit haadstik beskriuwt de stân fan saken oangeande it fak Frysk op skoallen foar fuortset ûnderwiis. Yn it earste part fan dit haadstik wurde de beoardielings beskreaun dy't de ynspeksje oan 'e hân fan it wurdearringsramt Frysk jûn hat op santjin skoallen foar fuortset ûnderwiis (5.1). Dêrnei komme gegevens oan bod dy't 55 fêstigingsdireksjes fia fragelisten jûn hawwe. Dêrby giet it om faktoaren op it nivo fan de skoalle (5.2) en om faktoaren op it nivo fan de klasse en de learaar (5.3). De sân Fryske praktykskoallen binne net ûnderfrege of besocht en falle dus bûten it bestek fan dit haadstik. Alle oare fêstigings foar fuortset ûnderwiis binne fia de fêstigingsdireksje benadere foar ynformaasje, ek fêstigings dêr't agrarysk ûnderwiis jûn wurdt.

5.1 De kwaliteit fan it fak Frysk yn it fuortset ûnderwiis

De ynspeksje hat santjin fêstigings foar fuortset ûnderwiis besocht. Fanwege de fergelykberens mei it basisûnderwiis en it lanlik byld binne de oantallen skoallen dy't foldwaande beoardiele binne, hoewol lyts, dochs omset yn persintaazjes. It lanlik byld giet om in stekproef fan fêstigings foar fuortset ûnderwiis (Ynspeksje fan it ûnderwiis, 2010).

Tabel 5.1a Persintaazje fêstigings dy't foldwaande beoardiele binne op de yndikatoaren fan it wurdearringsramt Frysk (n=17 fêstigings) yn fergeliking mei it algemiene wurdearringsramt foar it fuortset ûnderwiis (n=165 fêstigings)

Kwaliteitssoarch	Fryslân, fak Frysk	Lanlik, ûnderskate fakken
De skoalle hat foldwaande ynsjoch yn de kenmerken fan de learlingepopulaasje	70	nft
De skoalle evaluearret systematysk de kwaliteit fan de opbringsten fan it Frysk	12	77
De skoalle evaluearret systematysk de kwaliteit fan it ûnderwiis fan de Fryske taal en kultuer	29	75
De skoalle wurket planmjittich oan ferbetteraktiviteiten foar de Fryske taal	29	80
De skoalle boarget de kwaliteit fan de Fryske taal en kultuer	23	61
De skoalle rapportearret oan belanghawwenden ynsichtlik oer de realisearre kwaliteit fan it Frysk	6	nft
Oanbod Fryske taal		
It learstofaanbod Fryske taal en kultuer yn de ûnderbou foldocht oan de wetlike easken (is dekkend foar de keardoelen)	59	99
It learstofaanbod Frysk yn de ûnderskate learjierren slút op elkoar oan	76	nft
It learstofaanbod Fryske taal en kultuer is ôfstimd op it ûnderwiisferlet fan yndividuele learlingen	41	93

Tiid	Fryslân, fak Frysk	Lanlik, ûnder- skate fakken
Der wurdt foldwaande ûnderwiistiid pland foar Frysk	94	nft
Didaktysk hanneljen		
De leararen jouwe de learlingen yn de lessen Fryske taal en kultuer sicht op doel, nut en gearhing fan de lesaktiviteit	65	nft
De leararen lizze yn de lessen Fryske taal en kultuer dúdlik út	100	99
It ôfstimmen		
De leararen stimme har didaktysk hanneljen ôf op de ferskillen yn ûntwikkeling tusken learlingen	47	44
It taalgebrûk fan de leararen past by it taalferlet fan de learlingen	100	nft
Aktive rol learlingen		
De learlingen binne yn de lessen Frysk aktyf behelle yn ûnderwiisaktiviteiten	94	nft
It toetsen		
De leararen brûke in gearhingjend systeem fan ynstruminten en prosedueres foar it folgjen fan de prestaasjes fan learlingen op it mêd fan de Fryske taal en kultuer	71	96
Wet- en regeljouwing		
Der wurdt Frysk yn de ûnderbou jûn	100	nft
Alle dosinten Frysk hawwe in earste- of twaddegraads foech	47	nft
It Frysk kin keazen wurde as eksamenfak	59	nft
Yn de skoalgids stiet in beskriuwing fan de doelen by Frysk	24	nft
Yn it skoalplan stiet in beskriuwing fan it oanbod Frysk	29	nft

De spesifike kwaliteitssoarch oangeande it fak Frysk is mar beheind ûntwikkele. De measte skoallen hawwe wol ynsjoch yn de taaleftergrûnen fan har learlingen, mar dêr bliuwt it meast ek by. Fan evaluearjen fan de kwaliteit fan it ûnderwiis en planmjittich ferbetterjen fan it Frysk is op krapoan in tredde fan de skoallen sprake, fan boargjen op in kwart. It evaluearjen fan prestaasjes fan learlingen en de rapportaazje oan belanghawwenden binne de minst ûntwikkele ûnderdielen fan kwaliteitssoarch. De lanlike gegevens litte in geunstiger byld sjen fan de kwaliteitssoarch yn it fuortset ûnderwiis yn it algemien. De soarch foar it Frysk bliuwt dêrby efter.

It oanbod Frysk foldocht net op alle skoallen oan de eask dat it de keardoelen dekke moat. Dat komt foar oare fakken amper foar, sa't de lanlike sifers sjen litte: dêr dekt it oanbod praktysk altyd de wetlike easken. Op mear as de helte fan de skoallen is it oanbod ûnfoldwaande ôfstimd op ferskillen tusken learlingen en ek dêr is sprake fan in grut ferskil mei it lanlik byld. Yn de

lessen sjitte in soad skoallen wat it ôfstimmen oangiet tekoart, wat lanlik ek it gefal is. Dat is dus net in spesifyk punt foar it ûnderwiis yn it fak Frysk. It fernuveret jin wol, omdat de ferskillen tusken learlingen yn de behearsking fan it Frysk sa evident oanwêzich binne. Hast alle skoallen planne wol genôch tiid, dat wol sizze op syn minst 35 lessoeren Fryske taal en kultuer.

Wat it neilibjen fan wet- en regeljouwing oangiet, sjitte guon skoallen tekoart. Skoalgids en skoalplan binne op trijekwart fan de skoallen ûnfoldwaande ynformatyf. Op de helte fan de skoallen binne net alle dosinten earste- of twaddegraads befoege foar it jaan fan Frysk.

De situaasje oangeande it Frysk yn it fuortset ûnderwiis liket in soad op dy yn it basisûnderwiis. Dêr sjitte kwaliteitssoarch en it ôfstimmen ek faak tekoart. It fuortset ûnderwiis docht dêrfoaroer wol mear oan it folgjen fan foarderings fan learlingen by Frysk as it basisûnderwiis.

Fergelyking mei 2005

Yn 2005 hie de ynspeksje net in wurdearringsramt Frysk foar it fuortset ûnderwiis ta syn foldwaan. Wol binne doe op 24 fêstigings lessen observearre. Dy gegevens binne net alhiel fergelykber mei de befinings op basis fan it ramt. Doe wie it ôfstimmen fan lessen op ferskillen yn Frysktaligens lykwols ek al it swakste punt fan de leararen yn it fuortset ûnderwiis. Dat is, nettsjinsteande it ferskinen fan in nije metoade, noch net feroare.

5.2 Faktoaren op skoalnivo

Belied fêstigingsdireksjes

Yn it fuortset ûnderwiis binne skoallen wetlik ferplichte om it fak Frysk te jaan, of it moat wêze dat se dêrfoar ûntheffing krigen hawwe. Tabel 5.2a lit sjen hoefolle fan de 55 fêstigings Frysk jouwe en op hokker wize dat bart. De measte skoallen sette Frysk as apart fak op it lesroaster, mar in part fan de skoallen biedt allinnich projekten oan.

Tabel 5.2a Oanbod Frysk op fêstigings foar fuortset ûnderwiis yn 2009 (n=55)

Frysk wurdt as apart fak oanbean	40
Frysk wurdt allinnich yn projektfoarm oanbean	6
gjin ûntheffing, mar Frysk wurdt net oanbean	1
ûntheffing foar Frysk	8
totaal	55

De acht skoallen dy't oanjouwe dat se in ûntheffing hawwe, lizze yn de Stellingwerven, Ljouwert, Harns, Wolvegea, Drachten en It Hearrenfean. Dy skoallen jouwe gjin Frysk omdat se in lanlik publyk lûke (yn ien gefal) of omdat de measte learlingen net Frysktalich binne (yn trije gefallen). Ek melde twa skoallen dat learlingen net ynteressearre binne yn Frysk, wylst ien skoalle stelt dat it 'oerfreegjen' wêze soe om Frysk te jaan as men acht slacht op de eftergrûnen fan learlingen. Ien skoalle motivearret de ûntheffing net.

De seis fêstigings dy't Frysk yn projektfoarm oanbiede, hearre by fjouwer ferskillende skoallen. De fêstigings hawwe (op ien nei) in soad Frysktalige learlingen, mear as de helte fan de

skoalbefolking. De projekten binne ferplichte foar de learlingen. It tal oeren foar de projekten fariearret sterk:

- Op fjouwer skoallen giet it om minder as in skoalwike (fiif oant sechtjin oeren). Aktiviteiten binne ûnder oaren it ûndersykjen fan de eigen leefomjouwing yn histoarysk en geografysk perspektyf, sportaktiviteiten oan de ein fan it skoaljier, in kulturele dei mei Fryske workshops, strjitynterviews troch learlingen en it bringen fan in besite oan in museum.
- Op twa skoallen nimme de projekten mear oeren yn beslach (omtrint sechtich). Dan fiere learlingen gearwurkingsprojekten binnen of bûten de skoalle út of giet it om in Fryske wike.

Neffens 2005 is it tal fêstigings dat Frysk allinnich yn projektfoarm oanbiedt net sterk feroare: doe gie it om fjouwer fêstigings.

Taalbelied

Yn 1999 wie op net ien fan de skoallen foar fuortset ûnderwiis sprake fan in taalbelied dêr't it Frysk yn opnaam is (Ynspeksje, 1999). Yn 2005 is neffens ien fan de ynstellingsdireksjes sprake fan in taalbeliedsplan, dat ûnder oaren omtinken besteget oan doelen, wurkwize en fiertaalbelied oangeande it Frysk. Yn 2009 sizze achttjin fan de 55 fêstigings (in tredde fan de ûnderfrege fêstigings) dat se beskikke oer in taalbeliedsplan. Yn tsien fan dy achttjin plannen komt it Frysk oan de oarder neist it Nederlânsk, it Ingelsk en de oare moderne frjemde talen. Der is dus sprake fan mear taalbelied, mar it tempo leit net heech en it is net fanselsprekkend dat Frysk by it taalbelied belutsen wurdt.

Fan de fjirtich fêstigingsdireksjes dy't Frysk jouwe, bepleitet 10 prosint fakynhâldlike feroarings (yn 2005 die in kwart dat). Dêrby giet it om it better ferwurkjen fan de Fryske kultuer yn it fak, it oanbieden fan Frysk as leargebiet yn kombinaasje mei Nederlânsk, it útwreidzjen fan de tiid foar Frysk en it eventueel ferfangen fan it fak troch in projektmjittige oanpak. Lykas yn 2005 pleitet in tredde fan de fêstigingsdireksjes foar feroarings oangeande de rânebetingsten. Dêrby freegje se foaral om in bettere bekostiging, mear lestiid en dosinten mei foech. Inkele skoallen fine it fak te djoer fanwege de lytse tallen learlingen dy't deryn ynteressearre binne. Twa skoallen fiere har diskriminearre neffens skoallen bûten Fryslân, omdat se tiid út har frije romte kwytretsjje en omdat it Frysk har ekstra jild kostet.

Op de helte fan de fjirtich skoallen dy't Frysk jouwe, hawwe de leararen Frysk in eigen seksje-oerlis. Op fjirtjin skoallen oerlizze de leararen Frysk mei de seksje Nederlânsk en op njoggen skoallen is it ûnderwiis yn it Frysk en it Nederlânsk op elkoar ôfstimd. Op santjin skoallen jouwe leararen dy't befoege binne foar Frysk en Nederlânsk beide fakken oan deselde learlingen. Dy situaasje is justjes gunstiger as yn 2005, doe't dat minder faak foarkaam.

De measte fêstigings (45 fan de 55) profilearje har net spesifyk op it mêd fan it tale-ûnderwiis. Der binne fjouwer fêstigings dy't har as meartalige skoalle profilearje, mar dan allinnich foar Nederlânsk en Ingelsk. Der binne seis fêstigings dy't har as meartalige skoalle op it mêd fan Nederlânsk, Ingelsk en Frysk profilearje wolle.

Trochrinnende line út it basisûnderwiis wei

Fan de 55 skoallen sizze mar seis dat der de ôfrûne jierren mei basisskoallen oerlis west hat oer it Frysk, justjes mear as yn 2005. Yn de helte fan de gefallen gie it oerlis oer de fraach oft de skoalle foar fuortset ûnderwiis him eventueel ek as trijetalige skoalle profilearje wolle soe en oer de fraach hoe't learlingen fan trijetalige basisskoallen opfangen wurde yn it fuortset ûnderwiis. Yn

de oare gefallen gie it mear om it taalbelied yn it algemien. Ófspraken oer it Frysk as fak of as fiertaal hawwe twa fêstigings mei basisskoallen makke.

In soad fêstigings foar fuortset ûnderwiis (21 fan de 55) witte net oft der learlingen binnenkomme dy't op in trijetalige basisskoalle sitten hawwe. Op achttjin fêstigings witte direkteuren dat der learlingen fan trijetalige basisskoallen ynstreamd binne, op 24 fêstigings witte direkteuren dat dit net oan de oarder is.

Hast de helte fan de 55 fêstigingsdireksjes (26 yn totaal) wit net hoefolle klokoeren Frysk learlingen op de basisskoallen hân hawwe. Yn 2005 gie it noch om twa tredde fan de direksjes. De oare direksjes geane út fan likernôch in klokoere of wat minder yn 'e wike, wat foar de measte basisskoallen nei alle gedachten strike sil. Neffens twa tredde fan de skoallen foar fuortset ûnderwiis (wie yn 2005 80 prosint) jouwe basisskoallen gjin ynformaasje oer it Frysk yn de ûnderwiiskundige rapporten fan learlingen. Hast de helte fan de basisskoallen seit dat lykwols wol te dwaan, yn elk gefal as learlingen nei in oare Fryske skoalle geane. As skoallen foar fuortset ûnderwiis wol ynformaasje fan de basisskoalle oer it Frysk krije, meitsje se der yn de measte gefallen gjin gebrûk fan. It wichtichste argumint is dat soks komt om't net alle rapporten dy ynformaasje befetsje.

Trochrinnende learlinen nei it earste learjier en eksamen Frysk

Yn it earste learjier fan it fuortset ûnderwiis krije learlingen Frysk op fjirtich fêstigings. Yn de hegere learjierren ferskilt de situaasje ôfhinklik fan de skoalsoart.

Oangeande de learwegen fan it tmbû dy't rjochte binne op in berop, jildt it folgjende:

- Foar learlingen yn de learwei dy't rjochte is op in basisberop, fersoargje njoggen fêstigings Frysk yn it twadde learjier. Foar learlingen yn de learwei dy't rjochte is op in kaderberop is dat op alve fêstigings it gefal. Dêrnei hâldt it Frysk op: eksamens binne der net foar dy learwegen en der is dus ek gjin oanbod yn it tredde en fjirde learjier.

Oangeande de mingde en teoretyske learwegen fan it tmbû jildt it folgjende:

- Foar learlingen yn de mingde learwei fersoargje tsien fêstigings in oanbod Frysk yn it twadde learjier. Dêrfan dogge acht fêstigings dat ek yn it tredde learjier en it fjirde learjier: se biede in trochrinnende learline oant it eksamen.
- Foar learlingen yn de teoretyske learwei fersoargje alve fêstigings in oanbod Frysk yn it twadde learjier. Dêrfan dogge njoggen fêstigings dat ek yn it tredde en fjirde learjier en sa is in trochrinnende learline oant it eksamen boarge.

Foar hafû-learlingen bestiet de folgjende situaasje:

- Der binne alve fêstigings dy't yn it twadde learjier Frysk jouwe. Yn it tredde learjier binne der noch seis dy't dat dogge. Fan dy seis fêstigings hâlde dêrnei fjouwer op mei it Frysk. Der binne twa fêstigings dy't trochgeane mei it oanbieden fan Frysk yn it fjirde en fiifde learjier: hafû-learlingen kinne dus op twa fêstigings Frysk folgje binnen in trochrinnende learline fan it earste learjier oant it eksamenjier.
- Der binne yn totaal fiif fêstigings dêr't hafû-learlingen eksamen dwaan kinne yn it Frysk. Fan dy fiif fêstigings biede, lykas hjirboppe beskreaun, twa har learlingen in trochrinnende learline fan it earste learjier ôf. De oare trije fêstigings hawwe gjin oanbod Frysk yn it tredde learjier (komt ien kear foar) of gjin oanbod yn it twadde en tredde learjier (komt twa kear foar). Learlingen op dy fêstigings hawwe dus gjin trochrinnende learline.

Yn it twû bestiet it folgjende byld oangeande it Frysk nei it earste learjier:

- Der binne alve fêstigings dêr't twû-learlingen Frysk krije yn it twadde learjier. Dêrnei hâlde fiif fêstigings mei it Frysk op.
- Yn it tredde learjier binne der noch fiif fêstigings dy't trochgeane Frysk oan te bieden. Dêrfan dogge trije fêstigings dat oant it eksamen ta. De oare twa hâlde der nei it tredde learjier mei op.
- Der binne yn totaal sân fêstigings dêr't twû-learlingen eksamen Frysk dwaan kinne. Fan dy sân hawwe trije in trochrinnende learline fan it earste learjier ôf, lykas hjirboppe beskreaun is. Op de oare fêstigings ûntbrekt in oanbod Frysk yn it tredde learjier (komt ien kear foar), yn it twadde en tredde learjier (komt twa kear foar) of yn it twadde, tredde en fjirde learjier (komt ien kear foar).

De boppesteande gegevens binne gearfette yn tabel 5.2b. De tabel makket dúdlik dat de situaasje foar tmbû-learlingen dy't eksamen dwaan wolle yn it Frysk geunstiger is as foar hafû- en twû-learlingen, dy't faker mei in breuk yn har oanbod Frysk te krijen hawwe.

Tabel 5.2b Oantallen fêstigings mei eksamen Frysk en trochrinnende learlinen fan it earste learjier ôf, nei skoalsoart

	Eksamen	Trochrinnende learline
Tmbû-rjochte op basisberop	nft	nft
Tmbû-rjochte op kaderberop	nft	nft
Tmbû-mingde learwei	8	8
Tmbû-teoretyske learwei	9	9
Hafû	5	2
Twû	7	3

It tal eksamenkandidaten Frysk fluktuearret wat troch de jierren hinne, mar bliuwt lyts (tabel 5.2c). Oer alle skoalsoarten hinne bliuwt it tal dúdlik ûnder de 100 learlingen stykjen.

Tabel 5.2c Tallen eksamenkandidaten Frysk, nei skoalsoart

	1999	2000	2001	2002	2003	2004	2005	2006	2007	2008	2009
mavo/tmbû	18	25	23	14	10	19	19	20	19	24	13
hafû	4	26	27	65	26	45	50	28	35	46	15
twû	5	9	20	13	14	7	4	16	7	11	12
totaal	27	60	70	92	50	71	73	64	61	81	40

Foegen en taakstellings leararen Frysk

Oer de foegen fan leararen Frysk binne allinnich by de skoalbesites troch de ynspeksje gegevens sammele (sjoch 5.1). Dêrút docht bliken dat op de helte fan de skoallen net alle leararen Frysk in earste- of twaddegraads foech hawwe. Yn 2005 die bliken (út gegevens sammele by leararen dy't Frysk joegen) dat 40 prosint gjin spesifyk foech foar dat fak hie. It sjocht dernei út dat op it mêd fan it hawwen fan foech net folle feroare is.

Opfettings oer it fak Frysk

Fan de fjirtich direkteuren dy't Frysk op har fêstiging oanbiede, fynt goed de helte (21 direkteuren) dat de posysje fan it fak de ôfrûne fiif jier net feroare is. Dêrfoar sizzet trije direkteuren dat dy posysje minder wurden is; de oarsaak is yn alle gefallen dat minder learlingen it fak keazen. Yn totaal sechtjin direkteuren fine dat it fak in bettere posysje krigen hat. Dat komt foaral om't der bettere dosinten op de skoallen kommen binne mei passend foech. In twadde oarsaak is de nije metoade en nije mooglikheden lykas it konferearjen mei help fan fideo, wêrtroch't mear learlingen dy't soks wolle, eksamen dwaan kinne. In tredde oarsaak is in oare oanpak fan it fak troch it los te meitsjen fan Nederlânsk en troch it beoardieljen fan prestaasjes.

De posysje fan it fak Frysk fynt 90 prosint fan de direkteuren swakker as dy fan de oare taalfakken of marginaal. Mar 10 prosint fynt de posysje fan Frysk like sterk as dy fan it Nederlânsk of de moderne frjemde talen. Yn 2005 fûn 16 prosint dat; hjir is dus sprake fan in lichte weromfal.

Skoallen kinne om ferskate redenen Frysk oanbiede (tabel 5.2d).

Tabel 5.2d Arguminten om Frysk as fak oan te bieden neffens ynstellingsdireksjes yn 2005 (n=14) en fêstigingsdireksjes yn 2009 (n=40), yn persintaazjes

De skoalle biedt Frysk oan omdat:	1999*	2005	2009
it wetlik ferplichte is	32	31	20
learlingen yn twatalige situaasje funksjonearje	42	8	18
skoalle bydrage leverje wol oan behâld Fryske taal en kultuer	11	61	60
skoalle kleau skoaltaal-thústaal oerbrêgje wol	11	-	2
oare reden	5	-	-

*Boarne: Ynspeksje fan it ûnderwiis (1999)

Yn 2009 telt foar skoallen foaral de winsk om mei it fak Frysk in bydrage te leverjen oan de Fryske taal en kultuer. Dat wie yn 2005 ek al it gefal. Yn fergeliking mei 1999 hat dat argumint sterk oan krêft wûn. Ek it feit dat learlingen yn in twatalige situaasje libje telt foar skoallen. Ien op de fiif skoallen jout Frysk omdat it no ien kear wetlik ferplichte is.

Oan fêstigingsdireksjes is frege hoe't âlden neffens har miening tinke oer it fak Frysk yn it fuortset ûnderwiis (5.2e). De gegevens slaan allinnich op skoallen dêr't Frysk jûn wurdt.

Tabel 5.2e Opfettings fan âlden oer it fak Frysk yn it fuortset ûnderwiis, neffens fêstigingsdirekteuren (n=36 yn 2005 en n=40 yn 2009), yn persintaazjes

	2005	2009
goed dat skoalle Frysk jout	37	38
skoalle moat mear oan Frysk dwaan	-	-
Frysk op skoalle net sa wichtich	37	25
Frysk op skoalle net ferplichtsje	11	5
opfetting âlden ûnbekend	15	33

Noch altyd giet in tredde derfan út dat âlden it wurdearje dat de skoalle Frysk jout. In kwart fan de direkteuren tinkt dat âlden Frysk net sa wichtich fine en in lyts part tinkt dat it foar âlden net ferplichte jûn hoecht te wurden. Yn fergeliking mei 2005 binne der mear fêstigingsdirekteuren dy't net witte hoe't de âlden oer Frysk tinke.

Neffens fêstigingsdirekteuren binne learlingen fan alle taalfakken yn it fuortset ûnderwiis it minst motivearre foar Frysk (tabel 5.2f). Neffens 40 prosint fan de direkteuren binne learlingen nammentlik swak motivearre foar Frysk, wylst sa'n heech persintaazje net by in oar fak foarkomt. Der binne hast gjin direkteuren dy't tinke dat by learlingen in sterke motivaasje foar Frysk oanwêzich is, yn tsjinstelling ta Nederlânsk en Ingelsk. Yn 2005 wiene direkteuren dêr in bytsje positiver oer: doe neamde 31 prosint de motivaasje fan learlingen foar Frysk swak.

Tabel 5.2f Motivaasje fan learlingen foar talige fakken, neffens fêstigingsdirekteuren (n=40), yn persintaazjes

Motivaasje foar it fak:	swak	neutraal	sterk
Frysk	40	55	5
Nederlânsk	-	70	30
Ingelsk	-	58	42
Frânsk	25	70	5
Dútsk	8	87	5

Takomstferwachtings

De helte fan de fêstigingsdireksjes dy't it fak Frysk oanbiede, ferwachtet de kommende fiif jier gjin grutte feroarings. Yn 2005 jilde dat foar 40 prosint. In kwart ferwachtet wol feroarings, lykas in projektmjittige oanpak fan it Frysk, mear mooglikheden ta telelearen foar learlingen dy't eksamen Frysk dwaan wolle, mooglikheden om learlingen op in oare skoalle eksamens Frysk dwaan te litten of in better mei elkoar oparbeidzjen fan Frysk en Nederlânsk. In lytser part (15 prosint) ferwachtet dat it fak fierder marginalisearje sil. It fak hat al in lege status, learlingen sjogge der it nut net fan yn en de ferwachting is dat har oantal allinnich mar grutter wurde sil.

Yn 2005 hie in tredde fan de direkteuren negative takomstferwachtings; yn fergeliking dêrmei is de stimming no dus justjes positiver.

5.3 Faktoaren op it nivo fan klasse en learaar

Ûnderwiistiid

De measte fêstigings, 73 prosint, setten Frysk it earste learjier foar it hiele skoaljier op it roaster, meastal in lesoree yn de wike. Hast altyd dogge learlingen dat fak ferplichte. Yn twa gefallen meitsje skoallen útsûnderings foar learlingen mei learweistypjend ûnderwiis of foar learlingen dy't thús gjin Frysk prate.

De oare skoallen programmearje it fak yn in part fan it skoaljier of pleatse Frysk binnen leargebieten of binnen Nederlânsk. Yn de hegere learjierren stiet Frysk soms ek foar twa of trije lesoreen op it roaster, foaral foar learlingen dy't eksamen Frysk dwaan wolle. De lesoreen kinne yn lingte fariearje fan fjirtich oant tachtich minuten.

Op 15 oant 40 prosint fan de fêstigings (ôfhinklik fan it fak yn kwestje) wurdt it Frysk as fiertaal by oare fakken brûkt. Foaral by bewegen en sport komt dat foar, mar ek by mins en natuer, mins en maatskippij, keunst en kultuer en Nederlânsk. By Ingelsk en wiskunde sette skoallen it Frysk it minst as fiertaal yn. Yn 2005 wie it byld likernôch it selde.

Metoaden en materiaal

Sûnt it foarige ûndersyk fan de ynspeksje yn 2005 is in nije metoade op 'e merk kommen, Freemwurk neamd. Dy metoade is yntusken op 35 fan de fjirtich fêstigings yn gebrûk (sjoch tabel 5.3a); de eardere metoade Flotwei Frysk wurdt noch op ien skoalle brûkt. Fierders brûke in soad skoallen it tydskrift Linkk en bybehearrend materiaal. Oare materialen binne minder frekwent yn gebrûk. Ek yn 2005 basearren de measte skoallen har op de doetiidske metoade en Linkk.

Tabel 5.3a Lesmaterialen yn it fuortset ûnderwiis, yn persintaazjes (n=40 fêstigingsdirekteuren)

Freemwurk	88
tydskrift Linkk + bybehearrende tv-programma's	75
Digitaal faklokaal	25
Hark- en sjochtoetsen	18
materialen foar Frysk as fiertaal by oare fakken	13
Wurk yn Oplieding	3

Fêststellen fan en rapportearjen oer foarderings

Op alle fêstigings dy't Frysk oanbiede (útsein ien), sizze direkteuren dat foarderings fan learlingen foar Frysk toetst wurde. Dat bart noch altyd meastal mei help fan toetsen dy't leararen sels meitsje; mar yn in kwart fan de gefallen wurde dêr metoadyske materialen foar

brûkt. Yn 2005 is oan leararen Frysk frege hoe't se ien en oar diene. Doe brûkte de mearderheid ek selsmakke toetsen en waarden learlingen by 90 prosint fan de leararen toetst.

Op goed 90 prosint fan de skoallen krigen de learlingen in rapportsifer foar Frysk; dat wie yn 2005 ek it gefal. Op 20 prosint fan de skoallen telt it sifer foar Frysk net mei foar de besluten oer de skoalrinbaan fan learlingen, op 30 prosint fan de skoallen telt it minder swier mei as prestaasjes foar Nederlânsk. Op de helte fan de skoallen telt it sifer foar Frysk like swier mei as it sifer foar Nederlânsk. Dat is in justjes heger persintaazje as yn 2005, doe't 43 prosint fan de leararen Frysk dat oanjoech.

6 Frysk yn it spesjaal ûnderwiis

Skoallen foar spesjaal ûnderwiis binne net ferplichte om omtinken te jaan oan de Fryske taal. De WEC biedt har lykwols wol romte om dat te dwaan, as se dat wolle. Neigien is dêrom yn hoefier't it Frysk in rol spilet op dy skoallen. Yn totaal fyftjin skoallen hawwe skriftlike fragen oer dat ûnderwerp beäntwurde.

Dit haadstik giet earst yn op de gearstalling fan de learlingbefolking op de skoallen foar spesjaal ûnderwiis (6.1) en dêrnei op it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis (6.2).

6.1 Gearstalling learlingbefolking

Lykas yn 2005 jildt ek yn 2009 dat alle skoallen foar spesjaal ûnderwiis Frysktalige learlingen hawwe, al fariearret har oanpart yn de learlingbefolking (tabel 6.1a). Ek hawwe de measte skoallen learlingen dy't thús in streektaal prate. Dêrby giet it foaral om it Stedsfrysk, it Stellingwerfsk of it Biltsk. Allochtoane learlingen binne yn mindere mjitte fertsjintwurdige, mar komme dochs ek op hast alle skoallen foar. De skoallen foar spesjaal ûnderwiis kenne dêrmei in grutter ferskaat op taalmêd as reguliere basisskoallen, wêrfan't in grut part gjin learlingen hat dy't in streektaal of in allochtoane libbene taal prate. Fierders komt it op skoallen foar spesjaal ûnderwiis net faak foar dat de taaleftergrûn fan learlingen systematysk ynventarisearre wurdt: trije fan de fyftjin skoallen dogge dat, de rest giet ôf op persoanlike yndrukken. De ferskillen tusken 2005 en 2009 kinne, fanwege it lytse tal skoallen, net ynterpretearre wurde as trends dy't in soad betsjutte.

Tabel: 6.1a Persintaazjes skoallen foar spesjaal ûnderwiis dêr't learlingen thús Frysk, in streektaal of in allochtoane libbene taal prate, gegevens 2005 en 2009 (n=13 skoallen yn 2005 en 15 skoallen yn 2009)

	Frysk		Streektaal		Allochtoane libbene taal	
	2005	2009	2005	2009	2005	2009
> 75 prosint fan de learlingen	-	-	-	-	-	-
tusken 50 en 75 prosint fan de learlingen	23	43	-	8	-	-
tusken 30 en 50 prosint fan de learlingen	31	36	-	23	15	-
tusken 10 en 30 prosint fan de learlingen	31	14	39	39	8	8
< 10 prosint fan de learlingen	15	7	46	15	69	71
gjinn learlingen dy't: Frysk/streektaal/ allochtoane libbene taal prate	-	-	15	15	8	21
totaal	100	100	100	100	100	100

De skoallen is frege oft se in stiging of in delgong fan it persintaazje Frysktalige learlingen waarnommen hawwe yn de ôfrûne fiif jier. Fiif skoallen witte net oft der ferskowings west hawwe, sân skoallen konstatearje gjin feroaring en trije skoallen melde in ôfname.

6.2 Rol fan de Fryske taal yn it spesjaal ûnderwiis

Op njoggen fan de fyftjin skoallen brûke leararen soms it Frysk ynformeel yn petearen mei learlingen en âlden. Ek binne soms Fryske printeboeken oanwêzich of wurdt nei Frysktalige televyzje-útstjoerings sjoen. De fiertaal yn it ûnderwiis is lykwols Nederlânsk en it Frysk stiet net as apart fak op it roaster.

Seis fan de fyftjin skoallen fermelde dat it Frysk op de ien of oare wize in rol spilet yn har ûnderwiis;

- Der binne ôfspraken makke oer it brûken fan Frysk as fiertaal by tematysk wurkjen en as omgongstaal (skoalle foar tige drege learders).
- Frysk wurdt bewust ynset as oansprektaal foar Frysktalige learlingen en de Fryske skoaltelevyzjeprogramma's wurde brûkt (skoalle foar tige drege learders en mearfâldich hendikepten).
- It Frysk wurdt soms bewust ynset yn pedagogyske situaasjes, bygelyks by gedrach dat net winsklik is. Dêr kin it in beskate mearwearde hawwe (skoalle foar tige drege learders).
- By logopedy wurdt Frysk brûkt as terapytaal by Frysktalige learlingen (skoalle foar learlingen mei steurings yn har taalûntwikkeling).
- It fak Frysk stiet op it lesroaster en Frysk wurdt yn yndividuele gefallen as ynstruksjetaal ynset (skoalle foar langduerich siken en mearfâldich hendikepten).
- Frysk wurdt as fak jûn yn de boppebou fan in skoalle foar tige drege learders (so).

Fjouwer fan de seis skoallen hawwe eksplisyt ôfspraken makke oer it brûken fan it Frysk en trije skoallen hawwe ôfspraken fêstlein yn in taalbeliedsplan.

Yn fergelyking mei 2005 is der gjin sprake fan feroarings yn it spesjaal ûnderwiis wat it Frysk oanbelanget. Ek doe makken de measte skoallen allinnich ynformeel gebrûk fan it Frysk, mar setten se it Frysk net bewust yn as fiertaal en ek doe wiene der twa skoallen dy't Frysk as fak joegen.

7 Belied fan bestjoeren oangeande it Frysk

De bestjoeren fan basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis binne skriftlik ûnderfrege oer har belied oangeande it Frysk (7.1), it fak Frysk (7.2) en oer hoe't se behelle binne yn aktiviteiten op it mêd fan it Frysk (7.3). De resultaten slaan op 77 bestjoeren (56 bestjoeren út it basisûnderwiis en 21 bestjoeren út it fuortset ûnderwiis).

7.1 Belied oangeande it Frysk

Likernôch twa tredde fan de skoalbestjoeren, sawol yn it basisûnderwiis as yn it fuortset ûnderwiis, seit belied oangeande it Frysk as fak te fieren. It tal bestjoeren dat in belied ûntwikkele hat oangeande it bewust brûken fan it Frysk as fiertaal yn it ûnderwiis is lytser (tabel 7.1a). It giet dêrby om it Frysk as fiertaal by in oar fak, wêrby't de kearndoelen fan dat oare fak rjochting jouwe oan de ynhâld fan lessen en it Frysk bewust as fiertaal ynset wurdt. Goed in tredde fan de bestjoeren fan basisskoallen hat in belied op dat punt ûntwikkele, tsjin in fiifde fan de bestjoeren yn it fuortset ûnderwiis.

Tabel 7.1a Persintaazje bestjoeren basisûnderwiis (n=56) en bestjoeren fuortset ûnderwiis (n=21) dat belied oangeande it fak Frysk en it Frysk as fiertaal ûntwikkele hat.

	Bestjoeren basisûnderwiis	Bestjoeren fuortset ûnderwiis
belied fak Frysk	63	67
belied Frysk as fiertaal	38	19
belied fêstlein	20	29

De bestjoeren fan basisskoallen dy't in belied fiere oangeande it Frysk as fak, wize op ynvestearringen dy't se dien hawwe yn de nije metoade Studio F, in taalbeliedsplan of in taalkoördinator. By sommige bestjoeren libbet de winsk om de skoallen om te foarmjen ta trijetalige skoallen. Inkele bestjoeren út de Stellingwerven neame de ôfspraken dy't der binne om Frysk, Stellingwerfsk en geakunde te yntegrearjen. De foarm wêryn't dat bart, kin foar elke skoalle oars wêze, ôfhinklik fan de learlingbefolking. It belied oangeande it Frysk as fiertaal hâldt yn dat der ôfspraken makke binne oer de ynset fan Frysk by kreative fakken, yn de ûnderbou, foar in deidiel yn de wike of by it jaan fan ekstra ynstruksje oan learlingen. Sommige bestjoeren lizze de kalm op it belang fan taalskieding en hawwe dêr ôfspraken mei skoallen oer makke.

Bestjoeren dy't gjin belied hawwe foar it Frysk as fak of as fiertaal, neame as wichtichste reden, dat soks in saak fan de yndividuele basisskoallen is of dat soks (noch) gjin prioriteit hân hat.

Yn it fuortset ûnderwiis wize bestjoeren dy't in belied hawwe, foaral op it ferlet it Frysk út te wreidzjen nei it earste learjier. Sa binne der eksperiminten mei learen-op-ôfstân en it ûntwikkeljen fan in mienskiplik taalportfolio mei moderne frjemde talen en it Nederlânsk. Yn in inkel gefal binne der dúdlike ôfspraken oer de ynset fan it Frysk by oare fakken, lykas ierdrykskunde en skiednis.

Sommige bestjoeren foar fuortset ûnderwiis hawwe gjin spesifyk belied ûntwikkele foar it Frysk as fak of as fiertaal omdat de skoalle yn de Stellingwerven leit of yn in oar gebiet dêr't amper Frysk praat wurdt.

De bestjoeren is dêrnei frege oft op bestjoersnivo belied fêstlein is yn spesifike dokuminten. It giet dêrby eksplisyt om beliedsdokuminten fan it bestjoer sels, net om teksten yn skoalplannen, skoalgidsen of taalbeliedsplannen fan de skoallen. In part fan de bestjoeren hat dat type dokuminten (tabel 7.1a). It giet dan bygelyks om in taalbeliedsplan dat boppe de skoalle útsticht, dêr't it plak fan it Frysk yn beskreaun is. Yn it basisûnderwiis hat in fiifde fan de bestjoeren in eigen belied op papier, yn it fuortset ûnderwiis hast in tredde.

De gegevens binne net goed te fergelykjen mei 2005, omdat doe de bestjoeren foar fuortset ûnderwiis net benadere binne en fan de bestjoeren fan basisskoallen allinnich de mearpitters. Mei in pear slaggen om de earm liket it belied fan bestjoeren fan basisskoallen no wol justjes mear ûntwikkele te wêzen:

- Yn 2005 joech 40 prosint oan in begjin makke te hawwen om belied te ûntwikkeljen foar it fak Frysk, fan de no ûnderfrege groep is dat 63 prosint.
- yn 2005 hie 3 prosint fan de bestjoeren fan basisskoallen in belied foar it Frysk as fiertaal, no is dat 38 prosint.
- yn 2005 hie 3 prosint fan de bestjoeren fan basisskoallen in belied fêstlein, no is dat 20 prosint.

7.2 It fak Frysk op de skoallen

De measte bestjoeren sizze dat it fak Frysk op alle of de measte fan har skoallen of fêstigings jûn wurdt (tabel 7.2a). As gjin Frysk jûn wurdt, giet it om skoallen dy't in spesifike learlingbefolking hawwe (bygelyks skoallen dy't bern fan asylsikers opheine), skoallen dy't yn de Stellingwerven lizze of om fêstigings fan bestjoeren dy't net yn de provinsje Fryslân lizze. Inkele bestjoeren ferwize op 'e nij nei de ôfspraken dy't foar de Stellingwerven makke binne. Der binne ek bestjoeren fan skoallen yn de gruttere stêden dy't sizze dat dêr gjin Frysk jûn wurdt. Formeel binne dy skoallen dêrta wol ferplichte.

Tabel 7.2a Persintaazje bestjoeren basisûnderwiis (n=56) en bestjoeren fuortset ûnderwiis (n=21) dat seit dat de skoallen dy't ûnder har falle it fak Frysk jouwe.

	Bestjoeren basisûnderwiis	Bestjoeren fuortset ûnderwiis
alle skoallen jouwe it fak Frysk	80	62
guon skoallen jouwe it fak Frysk	11	19
skoalle of skoallen jouwe gjin Frysk as fak	9	19
totaal	100	100

7.3 Ferbûnens by spesifike aktiviteiten

Yn Fryslân rinne ûnderskate aktiviteiten dy't it Frysk op skoallen stimulearje of ferbetterje kinne. De bestjoeren is frege oft se yn sokke aktiviteiten behelle binne (tabel 7.3a). De persintaazjes komme opteld net oan 100 ta, omdat guon bestjoeren yn mear as ien aktiviteit behelle binne.

Tabel 7.3a Persintaazje bestjoeren basisûnderwiis (n=56) en bestjoeren fuortset ûnderwiis (n=21) dat yn aktiviteiten oangeande it Frysk behelle is

	Bestjoeren basisûnderwiis	Bestjoeren fuortset ûnderwiis
fasilitearjen ynfieren nije metoaden Frysk	50	14
Boppeslach-jilden ynsette foar ferbetterjen Frysk	36	-
ûntwikkeljen taalbeliedsplan dêr't Frysk diel fan útmakket	30	33
oanstellen taalkoördinator mei Frysk yn it takepakket	23	5
Trijetalige Skoalle	11	14
stimulearjen neiskoalling Frysk foar leararen	7	19
net ien fan dizze aktiviteiten	34	62

De tabel makket dúdlik dat benammen bestjoeren fan basisskoallen behelle binne yn spesifike aktiviteiten oangeande it fak Frysk yn it ûnderwiis. Twa tredde fan dy bestjoeren sizze dat se yn ien of mear fan de neamde aktiviteiten behelle binne. Foaral it fasilitearjen fan it ynfieren fan nije metoaden en it ynsetten fan ekstra jild foar it ferbetterjen fan it Frysk skoare heech. It stimulearjen fan neiskoalling komt yn ferhâlding in hiel lyts bytsje foar.

Yn it fuortset ûnderwiis is in tredde fan de bestjoeren behelle yn aktiviteiten oangeande it Frysk. Dêr giet it benammen om it ûntwikkeljen fan taalbeliedsplannen en it stimulearjen fan neiskoalling (nota bene: de Boppeslach-jilden binne net bedoeld foar it fuortset ûnderwiis).

De measte bestjoeren ferwachtsje de kommende jierren gjin feroarings yn har situaasje foar safier't dy te krijen hawwe mei it Frysk yn it ûnderwiis. Guon bestjoeren fan basisskoallen geane derfan út dat it Frysk better ferankere wurde sil yn in algemien taalbelied of hawwe skoallen dy't trijetalige skoalle wurde wolle. Bestjoeren yn de Stellingwerwen hoopje op dúdlikens fan de provinsje oangeande it Frysk, it Stellingwerfsk en geakunde. Yn it fuortset ûnderwiis neame inkele bestjoeren it útwreidzjen fan it Frysk.

8 Trijetalige basisskoallen

Yn 1997 begûnen sân basisskoallen oan it eksperimint fan de trijetalige basisskoalle, opset troch de Fryske Akademy. It doel fan dat eksperimint wie it ferheegjen fan de kwaliteit fan it Frysk, it Nederlânsk en it Ingelsk, sadat learlingen oan 'e ein fan de basisskoalle de keardoelen foar dy fakken helje kinne soene (Van Ruyven en Ytsma, 2008). Dêrby wurdt gebrûk makke fan teoryen oer de foarmjouwing fan suksesfol meartalich ûnderwiis. Frysk, Nederlânsk en Ingelsk wurde net allinnich as fak jûn, mar ek as fiertaal brûkt. Yn de groepen 1 oant en mei 6 wurdt yn prinsipe likefolle yn it Frysk as yn it Nederlânsk praat. Yn de groepen 7 en 8 komt it Ingelsk derby. It tal trijetalige basisskoallen is yn de rin fan de jierren útwreide (peildatum septimber 2010: 38).

Yn it hjir beskreaune ûndersyk fan de ynspeksje follen 33 direkteuren fan trijetalige basisskoallen fragelisten yn en binne fiif trijetalige skoallen ûndersocht mei de help fan it wurdearringsramt Frysk. Foar de ynspeksje stie allinnich de fraach sintraal hoe't de skoallen omgeane mei it Frysk, lykas by de oare skoallen dy't yn it ramt fan dit ûndersyk besocht en ûnderfrege binne. It doel fan de ynspeksje wie net om nei te gean yn hoefier't de skoallen foldogge oan de prinsipes fan it projekt, om't dat gjin taak is foar de ynspeksje. De trijetalige skoallen wurde yn dit haadstik dan ek allinnich apart beljochte om ynformaasje te ferskaffen oer it Frysk op dy skoallen.

8.1 Taalsituaasje op de trijetalige basisskoallen

Op de 33 ûndersochte trijetalige basisskoallen binne Frysktalige learlingen praktysk altyd yn de mearderheid: op fyftjin skoallen praat mear as trijekwart fan de learlingen thús Frysk, op fyftjin oare skoallen jildt dat foar de helte oant trijekwart fan de learlingen. Yn dat opsicht wike se ôf fan it provinsjale byld, dêr't de helte fan de skoallen in mearderheid fan Frysktalige learlingen hat. Op de oare trije trijetalige skoallen praat tusken de 30 en 50 prosint fan de learlingen Frysk. De skoallen hawwe hast gjin learlingen dy't in streektal of in allochtoane libbene taal prate.

De measte direkteuren fan trijetalige skoallen (25 fan de 33) sammelje systematysk gegevens oer de taal dy't learlingen thús prate. Se dogge dat relatyf faker as de oare skoallen yn de provinsje.

Op de measte trijetalige skoallen (19 fan de 33) sizze de direkteuren dat der de ôfrûne fiif jier gjin feroarings west hawwe yn it persintaazje Frysktalige learlingen op skoalle. Op alve skoallen is dat persintaazje tebekrûn, op twa skoallen lyk bleaun en op ien skoalle is ûnbekend oft der wat feroare is. De situaasje liket op dat punt by de trijetalige skoallen likernôch itselde te wêzen as yn de rest fan de provinsje.

Trijekwart fan de direkteuren fan de trijetalige skoallen is sels Frysktalich of meartalich grutbrocht. Dat is wat faker as yn de rest fan de provinsje, dêr't twa tredde fan de direkteuren Frysktalich of meartalich grutbrocht is.

Yn trochsneed hawwe de skoallen yn Fryslân 133 bern, mar de trijetalige skoallen binne gâns lytser: dêr sitte yn trochsneed 95 learlingen.

8.2 Frysk op trijetalige basisskoallen

De ynspeksje hat fiif trijetalige skoallen ûndersocht mei help fan it wurdearringsramt. De fragelist foar direkteuren is ynfolle troch 33 direkteuren fan trijetalige skoallen.

Beoardielings troch de ynspeksje

Fiif trijetalige skoallen binne troch de ynspeksje beoardiele oan 'e hân fan it wurdearringsramt Frysk (tabel 8.2a). Yn de tabel binne dy skoallen fergelike mei de groep fan 39 skoallen dy't de ynspeksje besocht. De beoardielings binne om wille fan de fergelykberens yn persintaazjes werjûn. Dêrby moat betocht wurde dat it tal besochte skoallen lyts is, sadat it al gau om grutte prosintuele flukтуаasjes gean kin.

De trijetalige skoallen dogge it better as de oare Fryske skoallen op kwaliteitssoarch, al is der noch gjin inkele trijetalige skoalle dy't systematysk evaluearret hoe't de learlingen prestearje foar Frysk. Oanbod en tiid komme ek wat sterker út 'e ferve, hoewol't ien trijetalige skoalle ûnfoldwaande ûnderwiistiid pland hat. Oangeande it ûnderwiisproses dogge de trijetalige skoallen it lykas de oare skoallen trochstrings foldwaande op de wurksfear, de dúdlike útlis, de kwaliteit fan de learomjouwing en de belutsenens fan learlingen. It ûnderwiis yn strategyen komt lykas op de oare skoallen minder út de ferve. Dat jildt ek foar it folgjen fan de foarderings fan learlingen en it ôfstimmen fan ynstruksje en ferwurking, al binne de trijetalige skoallen wol faker posityf beoardiele as de oare skoallen.

De leararen op trijetalige skoallen hawwe lang net altyd in foech foar Frysk, ek al jouwe se dat fak en wurdt oannaam dat se Frysk ek as fiertaal brûke. Dêr leit, yn alle gefallen op de fiif ûndersochte skoallen, in dúdlik punt foar ferbettering. Ferbetterings binne ek nedich, dêr't it giet om it ynformatyf gehalte fan skoalgids en skoalplan oangeande it Frysk.

Tabel 8.2a Persintaazje foldwaande beoardiele trijetalige skoallen op de yndikatoaren fan it wurdearringsramt Frysk yn fergelyk mei in stekproef fan Fryske basisskoallen.

Kwaliteitssoarch	39 skoallen, stekproef	fiif trijetalige skoallen
De skoalle hat ynsjoch yn ferskillen yn ûnderwiisferlet fan syn learlingpopulaasje op it mêd fan Fryske taal	74	100
De skoalle evaluearret systematysk de kwaliteit fan de opbringsten fan it Frysk	5	0
De skoalle evaluearret systematysk de kwaliteit fan it ûnderwiis fan de Fryske taal en kultuer	21	60
De skoalle wurket planmjittich oan ferbetteraktiviteiten foar de Fryske taal	56	80
De skoalle boarget de kwaliteit fan de Fryske taal en kultuer	33	60
De skoalle rapportearret oan belanghawwenden ynsichtlik oer de realisearre kwaliteit fan it Frysk	31	100

Oanbod Fryske taal	39 skoallen, stekproef	fiif trijetalige skoallen
It oanbod foar Frysk is dekkend foar de keardoelen	77	80
De learynhâlden Fryske taal yn de ûnderskate learjierren slute op elkoar oan	64	80
De skoalle biedt learlingen mei ûnderskate taaleftergrûnen learynhâlden oan foar Frysk dy't passe by it ûnderwiisferlet fan dy learlingen	51	80
Tiid		
Der wurdt foldwaande ûnderwiistiid pland foar Frysk	61	80
Didaktysk hanneljen		
De leararen realisearje by Frysk in wurksfear dy't op de taak rjochte is.	97	100
De leararen lizze yn de lessen Frysk dúdlik út	95	100
De leararen jouwe yn de lessen Frysk eksplisyt ûnderrjocht yn strategyen foar it begripen fan Fryske wurden en teksten	59	60
De leararen drage yn de lessen Frysk mei help fan lear- en helpmiddels by oan in útdaagjende learomjouwing	97	100
Aktive rol learlingen		
De learlingen binne yn de lessen Frysk aktyf behelle yn ûnderwiisaktiviteiten	97	100
Ôfstimming		
De leararen folgje de taal- en lêsoarderings Frysk fan har learlingen systematysk	10	40
De leararen stimme de ynstruksje en ferwurking by Frysk ôf op it ûnderwiisferlet fan de learlingen	31	60
It taalgebrûk fan de leararen past by it taalferlet fan de learlingen	95	80
It toetsen		
De leararen brûke toetsen dy't net bûn binne oan in metoade foar it fêststellen fan de foarderings op it mêd fan de Fryske taal	28	60
Wet- en regeljouwing		
Alle leararen dy't ûnderwiis yn de Fryske taal jouwe, hawwe foech dêrta	49	20
Yn de skoalgids steane de doelen oangeande it Frysk beskreaun	46	40
Yn it skoalplan stiet in beskriuwing fan it oanbod Frysk	64	80

Gegevens út it survey-ûndersyk by direkteuren

Taalbeliedsplan De measte trijetalige skoallen (29 fan de 33) hawwe in taalbeliedsplan. Dat is gâns faker as de oare Fryske skoallen, wêrfan't de helte sa'n plan hat. De plannen besteegje yn praktysk alle gefallen omtinken oan de doelen, de wurkwize en it fiertaalbelied op it mêd fan Nederlânsk, Frysk en wat minder ek oan Ingelsk. De plannen geane fierder neffens de direkteuren hast allegearre ek yn op de taalsituaasje fan learlingen en it oanbod yn de talige fakken. Minder fanselssprekkend is ynformaasje oer de taalsituaasje fan leararen, it winsklike oanbod yn de talige fakken en de ferbetterings dy't men jin foarnommen hat op it mêd fan taal.

Taalkoördinator op trettjin fan de 33 trijetalige basisskoallen is in taalkoördinator aktyf, wat faker as op de oare skoallen yn Fryslân. Syn of har taken besteane foaral út it opstellen fan it taalbeliedsplan en it begelieden by nije metoaden. Ek op dy skoallen, lykas yn de rest fan Fryslân, is it minder wenstich dat de taalkoördinator prestaasjes fan learlingen yn it Frysk analysearret of leararen coacht, al bart dat wol relatyf faker.

Foegen Neffens direkteuren wurkje yn totaal 299 leararen op de 33 trijetalige skoallen, yn trochsneed njoggen op elke skoalle. Dat is wat minder as op de oare Fryske skoallen en dat jout op 'e nij oan dat de trijetalige skoallen trochstrings wat lytser binne. Fan 18 prosint fan de leararen witte direkteuren net oft se in foech hawwe foar Frysk en fan 19 prosint is bekend dat se gjin foech hawwe. Dy persintaazjes binne wat leger as foar hiel Fryslân (28 prosint ûnbekend en 22 prosint sûnder foech). De meast foarkommende foegen binne it skoalsertifikaat PA en de applikaasjekursus Frysk.

Easken oan persoanlik De mearderheid fan trijetalige skoallen (22 fan de 33 skoallen) wol dat leararen sûnder foech dat foech noch helje moatte: tolve skoallen fine dat alle leararen it foech hawwe moatte, tsien skoallen fine it heljen fan in foech allinnich nedich as der ûnfoldwaande leararen mei foech op skoalle binne. It stribjen nei foegen is folle sterker oanwêzich as yn de rest fan de provinsje (dêr't mar in tredde fan de direkteuren it heljen fan foegen fan belang fynt). De trijetalige skoallen stelle ek folle faker easken oan nij persoanlik as de oare skoallen. Op ien nei wolle alle direkteuren dat nije leararen Frysk prate kinne en de helte oant trijekwart fan de skoallen ferwachtet dat ek fan oar persoanlik, lykas klasse-assistenten. De skoallen ferwachtsje ek faker dat nije leararen Frysk prate, lêze en skriuwe kinne.

Gebrûk fan it Frysk Op de trijetalige skoallen spilet it Frysk in gâns gruttere rol yn ynformele kontakten tusken leararen ûnderling (op 31 fan de 33 skoallen prate leararen Frysk, by oare skoallen giet it om twa tredde fan de skoallen) mar benammen ek yn oare situaasjes (leararegearkomsten, petearen mei âlden en learlingen). Krekt dêr ûnderskiede de trijetalige skoallen har sterk fan de oare skoallen. In tredde fan de trijetalige skoallen hat ôfpraat dat leararen de taal fan de âlden prate yn petearen mei har, en dat is yn in soad gefallen it Frysk. Op de oare trijetalige skoallen beslisse de leararen sels hokker taal se prate wolle mei âlden. Op de trijetalige skoallen binne de skoalgids en it skoalplan praktysk altyd yn it Nederlânsk skreaun, al brûkt in part fan de skoallen it Frysk as it spesifyk oer it fak Frysk of it Frysk as fiertaal giet. Dat is yn ferhâlding faker it gefal as op de oare skoallen (18 prosint fan de trijetalige skoallen tsjin 7 prosint fan de oare skoallen). De trijetalige skoallen brûke fierder it Frysk njonken it Nederlânsk folle faker foar notulen, korrespondinsje mei âlden, nijsbrieven en de skoalkrante. De helte fan de trijetalige skoallen docht dat, wylst dat by de oare skoallen fariearret fan 4 oant 9 prosint.

Fisy op fak Frysk Hast alle trijetalige skoallen jouwe Frysk fanwege it feit dat learlingen yn in twatalige situaasje libje of omdat men in bydrage leverje wol oan de Fryske taal en kultuer. Mar

twâ skoallen jouwe Frysk benammen omdat it no ienkear moat; by de oare skoallen giet it om in kwart.

Neffens alle direkteuren fan trijetalige skoallen op ien nei fine âlden it omtinken foar Frysk op skoalle goed. In direkteur tinkt dat âlden Frysk net sa wichtich fine. By de oare skoallen giet in tredde fan de direkteuren derfan út dat âlden Frysk net sa wichtich fine.

Wat de motivaasje fan learlingen foar it fak Frysk oangiet, sizze twa direkteuren fan trijetalige skoallen dat dy swak is en sãn dat dy sterk ûntwikkele is. De direkteuren tinke dêrmei oanmerklik geunstiger oer de motivaasje fan har learlingen foar Frysk as de direkteuren fan oare skoallen. Dochs jildt ek op de trijetalige skoallen dat learingen neffens direkteuren sterker moitvearre binne foar Nederlânsk en benammen foar Ingelsk as foar Frysk.

Klassenivo

Tiid foar Frysk De trijetalige skoallen ûnderskiede har benammen fan de oare skoallen trochdat se folle mear tiid besteegje oan it Frysk as fiertaal (tabel 8.2b). Op de trijetalige skoallen giet 2,5 oant 3,5 kear safolle tiid op oan Frysk as fiertaal. De tiid nimt wol ôf as learlingen âlder wurde, mar it grutte ferskil mei de oare skoallen bliuwt bestean. De trijetalige skoallen brûke it Frysk op inkele útsûnderings nei by rekkenjen/wiskunde, wrâldoriïntaasje, kreative fakken en bewegingsûnderwiis. De helte fan de skoallen set it Frysk ek yn by Nederlânsk en twa tredde docht it by lêsunderwiis. De oare skoallen brûke Frysk gãn minder, benammen by taal en lêzen.

Oangeande it fak Frysk docht bliken dat trijetalige skoallen yn alle groepen likernôch twa kear safolle oeren meitsje as de oare skoallen.

Tabel 8.2a Rûsd tal minuten wyks, de groep bestege oan it brûken fan Frysk as fiertaal en oan it fak Frysk, alle skoallen en trijetalige skoallen

Groep:	1	2	3	4	5	6	7	8
rûsd tal minuten fiertaal wyks, alle skoallen	169	162	84	82	79	72	69	69
rûsd tal minuten fiertaal wyks, trijetalige skoallen	454	443	255	259	270	262	248	249
rûsd tal minuten fak Frysk wyks, alle skoallen	64	62	42	43	44	47	44	44
rûsd tal minuten fak Frysk wyks, trijetalige skoallen	129	131	78	84	83	91	92	93

Kearndoelen De trijetalige skoallen stribje alle kearndoelen nei yn har oanbod Frysk. Wat de Frysktalige learlingen oangiet, skatte se trochstrings de persintaazjes learlingen dy't kearndoelen helje hieltyd wat heger yn as de oare skoallen (3 oant 14 prosint heger). De ferskillen binne lykwols opfallend grut as it giet om it Frysk skriuwen te learen. Fryske skoallen rûze yn it algemien dat 49 prosint fan de Frysktalige learlingen dat leart, de trijetalige skoallen geane út fan 77 prosint fan dy groep.

Wat de net-Frysktalige learlingen oangiet, skatte de trijetalige skoallen de persintaazjes learlingen dy't kearndoelen helje, ek hieltyd justjes heger yn (3 oant 16 prosint). Dêr is it ferskil ek it grutst foar it skriuwen yn it Frysk: de Fryske skoallen rûze yn it algemien dat mar 29 prosint fan de net-Frysktalige learlingen dat behearsket oan de ein fan de basisskoalle, mar de trijetalige skoallen geane út fan 48 prosint.

Metoaden en materialen Alle trijetalige skoallen (op twa nei) brûke Studio F systematysk (by de oare skoallen jildt dat foar twa tredde fan it totaal). Dêrneist neame se benammen de skoal-tv, de skoalradio en materialen fan it Taalsintrum Frysk. Hast alle trijetalige skoallen (tritich fan de 33) fine dat der in trochgeande line yn it oanbod Frysk sit. In tredde fan de trijetalige skoallen hat ôfspraken mei pjutteboartersplakken oer it Frysk (oare skoallen 13 prosint) en in kwart hat sokke ôfspraken mei oare basisskoallen (oare skoallen 11 prosint). Ôfspraken mei it fuortset ûnderwiis en mei skoallen foar spesjaal (basis)ûnderwiis komme op de trijetalige skoallen net foar.

Differinsjaasje Fan de 33 trijetalige skoallen sizze 29 direkteuren dat leararen systematysk rekken hâlde mei ferskillen tusken learlingen (oare skoallen goed de helte). Yn de groep fan troch de ynspeksje beoardiele skoallen slagget twa tredde fan de skoallen deryn yn de lessen te differinsjearjen; yn de hiele groep fan Fryske skoallen giet it om in tredde.

It toetsen fan foarderings fan learlingen De trijetalige skoallen brûke op fiif nei alle toetsen om de foarderings fan learlingen yn byld te bringen foar Frysk (oare skoallen justjes mear as de helte). Dat binne yn 't foarste plak de toetsmaterialen fan Studio F, mar ek de Twa Minute Toets fan Cito, de ôfslutingstoetsen fan de Afûk en de toetsen fan de Fryske Akademy wurde neamd. Alle trijetalige skoallen op ien nei jouwe learlingen in sifer of wurdbeoardieling op it rapport foar Frysk (op de oare skoallen bart dat yn trijekwart fan de gefallen). Twa tredde fan de trijetalige skoallen neamt altyd wat oer it Frysk yn ûnderwiiskundige rapporten fan learlingen (fan de oare skoallen docht in tredde dat).

9 Konklúzjes en oanbefellings

Likegoed basisskoallen as skoallen foar fuortset ûnderwiis yn de provinsje Fryslân moatte ûnderwiis yn de Fryske taal yn har oanbod opnimme op grûn fan respektivelik de Wet op it Primêr ûnderwiis en de Wet op it Fuortset ûnderwiis. Yn de wetsartikels 4 (WPO) en 11e (WVO) stiet it sa fermeld: ‘Op skoallen yn de provinsje Fryslân wurdt boppedat ûnderwiis jûn yn de Fryske taal, of it moat wêze dat Deputearre Steaten op fersyk fan it befoege gesach ûntheffing op dy ferplichting ferliend hawwe’. Krekt as foar alle oare fak- en foarmingsgebieten binne ek foar it fak Frysk keardoelen (beskriuwings fan kennis, ynsichten en feardichheden) ûntwikkele dy’t oan learlingen yn Fryslân by it fak Frysk oanbean wurde. De skoallen wurde achte om it ûnderwiisprogramma sa te organisearjen dat dêrbinnen oan de betingsten foldien wurdt om de keardoelen Frysk oan te bieden. Dat hâldt ûnder mear yn dat foldwaande tiid foar it fak Frysk ynroastere wurdt. Fierder moat der sprake wêze fan in ûnderwiisoanbod dat oan de keardoelen Frysk foldocht. Meastentiids brûke skoallen dêr in metoade Frysk by. Fan leararen wurdt ferwachte dat se saakkundich binne om it fak Frysk te ûnderwizen. Dêr jildt ûnder oaren foar dat leararen oer algemiene en spesifike didaktyske kwaliteiten beskikke en dat leararen de Fryske taal foldwaande behearskje. De Ynspeksje fan it ûnderwiis hat de taak om derop ta te sjen dat skoallen de kwaliteit fan it fak Frysk garandearje.

Boppesteande beskriuwing liket foar Fryslân fanselssprekkend te wêzen. De wet skriuwt yn algemiene wurden foar wêr’t skoallen foar it fak Frysk oan foldwaan moatte en fan de skoallen mei ferwachte wurde dat se wat yn de wet fêstlein is, útfiere. Lykwols, de realiteit is oars. Yn de rapportaazjes dy’t de Ynspeksje fan it ûnderwiis yn 1999 (fuortset ûnderwiis), 2001 (primêr ûnderwiis) en 2006 (primêr en fuortset ûnderwiis) útbrocht hat, docht bliken dat op ûnderskate terreinen de kwaliteit fan it fak Frysk ûnfoldwaande is. De oanbefellings en konklúzjes dy’t yn de rapporten beskreaun binne, hawwe der noch net ta laat dat op alle fronten foarútgong boek is, want út dizze fuortgongsrapportaazje (fan 2010) docht op ‘e nij bliken dat de kwaliteit fan it fak Frysk de nedige swakke steeën sjen lit.

Yn haadstik 1 fan dit rapport binne ûnderskate ûntwikkelings beskreaun dy’t yn de perioade fan en nei it útbringen fan de fuortgongsrapportaazje fan 2006 de kontekst dêr’t it fak Frysk yn sit, yn positive sin feroare hawwe. Dy ûntwikkelings binne op inisjatyf fan benammen de provinsje Fryslân yn gong set en hawwe derta laat dat mei betingsten stappen set binne dy’t bydrage kinne oan it ferheegjen fan de kwaliteit fan it fak Frysk. Lykwols, sawol de resultaten fan it survey-ûndersyk (2009) en de skoalûndersiken dy’t de ynspeksje dien hat, as ek de útspraken dy’t dien binne yn in twatal panelpetearen mei fertsjintwurdigers út it primêr en fuortset ûnderwiis toane oan dat dy kwaliteitsympulsen it ûnderwiis sels - it learen fan de learlingen - noch ûnfoldwaande berikt hawwe. Wol is it sa dat guon fan de ûntwikkelings sa’t dy yn haadstik 1 sketst binne, op termyn effekt hawwe kinne op de kwaliteit fan it fak Frysk, mar dan is it needsaaklik dat likegoed de oerheden, it befoege gesach fan de skoallen as de leararen dy’t it fak Frysk jouwe har dêr foldwaande sterk foar meitsje.

Hjirûnder folget earst in koarte gearfetting fan de resultaten fan it ûndersyk sa’t dat yn 2009 útfierd is (9.1). Dit haadstik einiget mei in tal algemiene konklúzjes (9.2) en oanbefellings (9.3).

9.1 Gearfetting fan de ûndersyksresultaten

Taalsituaasje

Der is de ôfrûne jierren net folle feroare yn de gearstalling fan basisskoallen: Frysktalige learlingen binne yn de mearderheid op 52 prosint fan de basisskoallen en 64 prosint fan de fêstigings fuortset ûnderwiis.

Ûntwikkelings yn it ûnderwiis

Út de skoalbesiken fan de ynspeksje docht bliken dat benammen spesifike kwaliteitssoarch op it mêd fan it Frysk, it oanlearen fan strategyen en it ôfstimmen op ferskillen yn feardichheden Frysk fan learlingen op basisskoallen min ûntwikkele binne. Nettsjinsteande de nije metoade, dy't in soad brûkt wurdt, wrakselje noch in protte basisskoallen mei it differinsjearjen. Dat jildt ek, hoewol wat minder, foar de trijetalige basisskoallen.

Yn it fuortset ûnderwiis is grutdiels itselde fêststeld. Dêr slagget it leararen trochstrings ek ûnfoldwaande har lessen ôf te stimmen op ferskillen tusken learlingen en is de kwaliteitssoarch by Frysk min ûntwikkele. Yn it fuortset ûnderwiis is ek in nije metoade ynfierd, mar dêr hat dat ek net laat ta mear differinsjaasje yn de lessen.

Út it survey-ûndersyk komt nei foaren dat der mear belied is fan skoallen en ek fan guon bestjoeren op it mêd fan it Frysk. Direkteuren ûndersykje de taalsituaasje fan learlingen faker systematysk as yn 2005, likegoed yn it basisûnderwiis as yn it fuortset ûnderwiis. Yn it basisûnderwiis binne mear taalkoördinatoaren wurksum, dy't har ek ynspanne foar it Frysk (njonken Nederlânsk en faak ek Ingelsk). Der binne op mear skoallen taalbeliedsplannen dêr't it Frysk diel fan útmakket. De nije metoade Frysk foar de basisskoalle en it fuortset ûnderwiis hawwe mei faasje yngong fûn op de skoallen. Yn de sfear fan rânebetingsten binne der op dy punten dúdlike ferbetterings neffens de eardere ûndersiken fan de ynspeksje.

In wichtige rânebetingst foar it fak Frysk, befoege leararen, wurdt lykwols faak net ynfolle. Yn it basisûnderwiis is in fiifde fan de leararen net befoege en fan 28 prosint is it foech by direkteuren net bekend. Yn it fuortset ûnderwiis hat sawat 40 prosint fan de leararen dy't Frysk jouwe gjin foech foar dat fak, sa wurdt rûsd.

Toetsen dy't normearre binne en ûnôfhinklik fan in metoade binne foar Frysk net foarhannen. Wol wurdt no foar begripend lêzen yn groep 8 ien ûntwikkele. Dy toetsen soene it doelbewust wurkjen oan de learprestaasjes fan learlingen in sterke ympuls jaan kinne.

De tiid dy't skoallen besteegje oan it fak Frysk is yn de ûnderbou fan it basisûnderwiis tanommen, mar fierder net feroare. Yn it basisûnderwiis is faker as foarhinne sprake fan in trochgeande line, as gefolch fan de nije metoade. Yn it fuortset ûnderwiis kinne learlingen op ûnderskate fêstigings eksamen dwaan yn it Frysk, mar de oantallen eksamenkandidaten bliuwe krekt as yn eardere jierren tige lyts. Net alle skoallen yn it fuortset ûnderwiis dêr't sa'n eksamen mooglik is, biede ek in trochgeande line foar it Frysk. Kontakten tusken basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis oer it Frysk binne der amper en liede net ta in trochgeande line tusken dy beide ûnderwiissoarten.

Yn it spesjaal ûnderwiis is de posysje fan it Frysk net feroare. As fak is it marginaal bleaun, mar it Frysk spilet wol in rol yn ynformele kontakten op skoalle.

Fansels hat de ynspeksje by syn skoalbesites ek goeie lessen Frysk sjoen, dêr't krekt ynspile wurdt op de ferskillen tusken learlingen en doelbewust wurke wurdt om learlingen in soad leare te litten oer en yn it Frysk. Spitigernôch foarmje dy lessen noch tefolle in útsûndering op de regel, mar it kin dus wol.

9.2 Algemiene konklúzjes

Ûndersteande konklúzjes binne basearre op it ûndersyk dat yn dit rapport presintearre wurdt, en de panelpetearen mei leararen en skoallieders oer de foarriedige resultaten.

- Tusken winsk en wurklikheid. De ambysjes foar it Frysk, sa't dy yn de nota *Boppeslach* fan de provinsje (2006) foar 2015 formulearre wurde, binne grut. De ûnderwiiswurklikheid stiet dêr noch fier ôf. De ambysjes út de tredde bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2001-2010 binne ek noch net allegear realisearre. Yn de klassen sels feroaret der te min en te stadich.
- Wat stekke de learlingen op fan de lessen Frysk? De pedagogysk-didaktyske basis is dan wol fergelykber mei oare lessen, mar der wurdt amper wurke om rendemint te krijen, wêrby't leararen rekken hâlde mei de talige mooglikheden fan learlingen. It giet hjir om in trochsneed; de ynspeksje hat fansels ek goeie lessen bywenne, mar dy foarmje tefolle de útsûndering op de regel.
- Draachflak foar it fak Frysk. It is de fraach oft der genôch maatskiplik draachflak is om foar it fak Frysk, likegoed kwantitatyf as kwalitatyf, mear romte te meitsjen. It begryp 'taalgrutskens' spilet dêr in wêzentlike rol by; in part fan de skoallen is entûsjast foar it Frysk. Dêr is dus wis wol draachflak, mar dat jildt perfoarst net foar alle skoallen. In part jout allinnich Frysk omdat it moat. Direkteuren meitsje ek útinoar rinnende ynskattings oer it draachflak ûnder âlden; net ien is optimistysk. Fierder is it belied en de kultuer yn in soad skoallen ûnfoldwaande stypjend om fan it Frysk ek wier wat te meitsjen.
- Dúdlikens rjochten en plichten skoallen. Skoallen en bestjoeren witte ûnfoldwaande wêr't se oan ta binne as it giet om it oanfreegjen fan in ûntheffing by de provinsje foar it fak Frysk. De beliedsregel dêroer is ûnder revyzje.
- Ûnderwiistiid foar Frysk. Der wurdt yn ferhâlding net folle tiid bestege oan it ûnderwiis yn de Fryske taal en dêrom is it de fraach oft yn dy beheinde tiid alle keardoelen Frysk foldwaande oan bod komme kinne. Yn it fuortset ûnderwiis jouwe de measte skoallen it iene lesroer wyks dat minimaal ferwachte wurdt; yn it basisûnderwiis hallet minder as twa tredde de trije kertier wyks dy't ferwachte wurdt.
- Tafersjoch troch ynspeksje. Betroubere gegevens oer de learresultaten fan learlingen ûntbrekke. De ynspeksje kin dêrtroch ûnfoldwaande ynhâld jaan oan syn tafersjoch. De ynspeksje kin ek net goed hanthavenje, by gebrek oan in heldere ûntheffingsregeling.
- Beliedsûntwikkeling skoalle en bestjoer. Dêr is it nedige bard, der is op in tal skoallen mear belied te sjen. Mar dat betsjut net automatysk dat der dan yn de klassen ek wat feroaret.
- Beweitsjen keardoelen en trochgeande line. Der binne ferbetterings yn it dekken fan de keardoelen troch it oanbod. De fraach is wol wat learlingen leare kinne op de skoallen dy't net folle tiid foar Frysk ynroasterje. De trochgeande line is ferbettere, mar benammen tusken basis- en fuortset ûnderwiis stagnearret it.
- Foegen leararen. Dat is noch altyd soarchlik. Tefolle leararen jouwe sûnder foech les en der is net folle aksje fan skoallen en bestjoeren op dat punt.
- Differinsjaasje yn lessen. Nettsjinsteande nije metoaden is dy noch altyd min ûntwikkele. Sa wurdt fierste min rekken holden mei de talige eftergrûn fan learlingen (al of net Frysktalich), yn kombinaasje mei de normale ferskillen dy't der altyd tusken learlingen bestean.

- Normearre metoade-ûnôfhinklike toetsen. Dy ûntbrekke grutdiels en dat makket foarmen fan differinsjaasje dreger. De keardoelen binne net fertaald yn behearskingsdoelen foar ûnderskate learlingegroepen en de behearsking fan de Fryske taalfeardichheden is dêrtroch net fêst te stellen.
- ûntwikkeljen fan materialen. Dat is bard, ûndermear nije metoaden foar likegoed it basis- as fuortset ûnderwiis en skoallen hawwe dy materialen ek in soad oanskaft. Mar dat blykt dus net foldwaande foar in ferbettering fan it ûnderwiis yn de klasse.
- Saakkundigens. Fan it oanbod fan de learare-opliedings (pabû en twaddegraads learare-oplieding) om in foech te heljen wurdt net folle gebrûk makke. De ynspanning dy't frege wurdt is foar in protte te heech yn relaasje ta it diploma dat helle wurde kin en wat dat foar it wurk yn de skoallen opsmyt (te min ekstra sivyl effekt).

9.3 Oanbefellings

ûndersteande oanbefellings binne benammen rjochte op it ferbetterjen fan it ûnderwiis(oanbod) yn de klassen.

- De ynspeksje wol hanthavenje op de ferplichting fan skoallen om Frysk oan te bieden. Dat ûnderstelt dat it ûntheffingsbelied fan de provinsje Fryslân útkristallisearre en aktualisearre wêze moat.
- Skoallen moatte - út de jildende keardoelen wei - om rendemint te krijen mei it Frysk oan de slach en dêrby it learstof oanbod ôfstimme op de (talige) kapasiteiten fan de learlingen (hinget gear mei folgjende oanbefelling).
- De kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk wurdt wer ûndersocht troch de ynspeksje sadree't de learlingen yn it basis- en fuortset ûnderwiis folge wurde kinne oan de hân fan in normearre toets- of learlingfolchysteem foar Frysk. De provinsje Fryslân sil dêrby in regisrearjende rol ferfolle kinne om sa it wurkjen mei as doel it krijen fan rendemint yn de skoallen mooglik te meitsjen.
- Yn it basisûnderwiis moatte de bekwamens/foegen Frysk ferdúdlike wurde. Learare-opliedings moatte soargje foar in leechdrompelich oanbod foar de ferbettering fan de bekwamens en úteinlik it foech fan de leararen Frysk. Rezjy fan de provinsje Fryslân liket dêrfoar needsaaklik.

It besteande ûnderwiis yn it Frysk kin folle better. Op grûn fan de ûntwikkelings fan de ôfrûne tsien jier is dat net fanselssprekkend. Boppesteande oanbefellings binne dêrom rjochte op direkte ferbettering fan de besteande lessen. Dat hat allinnich kâns fan slagjen as bestjoerders en skoallieders sels folút har ferantwurdlikens nimme foar goed ûnderwiis Frysk yn de twatalige provinsje Fryslân. It ynspeksje-ûndersyk makket dúdlik dat ek dat net fanselssprekkend liket; komplikaasje is dat yn de skoallen de stipe foar it Frysk beheind is. In sterke taalkultuer yn Fryslân soe de kwaliteitsferbettering tige stypje.

Bylage I: Kearndoelen Frysk

Primêr ûnderwiis

Mûnling taalûnderwiis

1. De learlingen ûntwikkelje in positive attitude oangeande it brûken fan Frysk troch harsels en oaren.
2. De learlingen leare ynformaasje te sammeljen út sprutsen Frysk. It giet om teksten dy't ynformaasje jouwe, plezier ferskaffe, mienings of oanwizings befetsje oer ûnderwerpen dêr't se bekend mei binne.
3. De learlingen leare harsels nei ynhâld en foarm yn it Frysk te uterjen yn situaasjes út it deistich libben, dêr't se ynformaasje yn freegje of jouwe oer in ûnderwerp dêr't se fertroud mei binne.

Skriftlik taalûnderwiis

4. De learlingen leare ynformaasje te sammeljen út teksten yn it Frysk yn frekwint foarkommende teksttypen (lykas artikels yn jeugdrubriken, ferskes, ferhalen).
5. De learlingen leare ienfâldige teksten yn it Frysk te skriuwen oer deistige ûnderwerpen mei as doel mei oaren oer dy ûnderwerpen te kommunisearjen.

Taalskôging, wêrûnder strategyen

6. De learlingen meitsje har in wurdskat eigen fan frekwint brûkte Fryske wurden en strategyen foar it begripen fan foar har ûnbekende wurden.

Fuortset ûnderwiis

Der binne op grûn fan kêst 11e fan de WVO foar Fryske taal en kultuer kearndoelen formulearre dy't yn de provinsje Fryslân deselde status hawwe as de algemiene kearndoelen op grûn fan artikel 11a fan de WVO. Dêrby is ûnderskied makke tusken kearndoelen dy't foar alle learlingen ferplichte binne (1-3), en kearndoelen dy't oars útwurke binne foar learlingen dy't de Fryske taal as twadde taal prate (4a-6a), en foar learlingen foar wa't Frysk de memmetaal is (4b-6b).

Dielnimmer yn in twatalige kultuer

1. De learling leart de betsjutting ûnderkennen fan de twatalige Fryske kultuer foar it deistich libben en leart dy te fergelykjen mei situaasjes yn de rest fan Nederlân en dêrbûten.
2. De learling leart oan de hân fan foarbylden de spesifike skaaimerken fan de Fryske kultuer te begripen en dy yn ferbân te bringen mei de histoaryske eftergrûnen dêrfan.
3. De learling leart oan de hân fan foarbylden it belang fan Fryske kultueruterings te ûnderkennen (teksten, muzyk, toaniel, film, TV en radio) en de betsjutting dy't er dêroan hechtet ûnder wurden te bringen.

Foar learlingen mei Frysk as twadde taal en foar learlingen mei Frysk as memmetaal

- 4a De learling leart om fia foar him sinfolle konteksten in Fryske wurdskat op te bouwen troch ferskillende strategyen ta te passen.
- 5a De learling leart ynformaasje op te sykjen en te oarderjen út skriftlike en digitale Frysktalige boarnen op basis fan fragen oer ûnderwerpen binnen syn eigen belangstellingssfeer.

- 6a De learling leart in ynformeel petear yn it Frysk te fieren mei leeftydsgenoaten oer ûnderwerpen út syn deistich libben.

Foar learlingen mei Frysk as memmetaal

- 4b De learling leart him mûnling en skriftlik begryplik te uterjen en him te hâlden oan taalkonvinsjes dy't foar it Frysk jilde (staving, grammatikaal goede sinnen, wurdgebrûk).
- 5b De learling leart it belang fan it kommunisearjen neffens gongbere taalregels fan it Frysk yn formele situaasjes te ûntdekken (wurkoerlis, planning, diskusje).
- 6b De learling leart Fryske ferhalen, gedichten en ynformative teksten te kiezen en te lêzen dy't temjitte komme oan syn belangstelling en syn belibbingswrâld útwreidzje.

Bylage II: Wurdearringsramt Frysk Primêr ûnderwiis

Kwaliteitsaspekt 1 Kwaliteitssoarch
1.1 De skoalle hat foldwaande ynsjoch yn de skaaimerken fan de learlingepopulaasje.
1.2 De skoalle evaluearret systematysk de kwaliteit fan de opbringsten fan it Frysk.
1.3 De skoalle evaluearret systematysk de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer.
1.3 De skoalle wurket planmjittich oan ferbetteraktiviteiten foar de Fryske taal.
1.4 De skoalle boarget de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer.
1.6 De skoalle rapportearret oan belanghawwenden ynsichtlik oer de realisearre kwaliteit fan it Frysk.
Kwaliteitsaspekt 2 Oanbod Fryske taal
2.1 It oanbod foar Frysk is dekkend foar de keardoelen.
2.2 De learynhâlden Fryske taal yn de ûnderskate learjierren slute op elkoar oan.
2.3 De skoalle biedt learlingen mei ferskillende taaleftergrûnen learynhâlden oan foar Frysk dy't passe by it ûnderwiisferlet fan dy learlingen.
Kwaliteitsaspekt 3 Tiid
3.1 Der wurdt foldwaande ûnderwiistiid pland foar Frysk.
Kwaliteitsaspekt 4 Didaktysk hanneljen
4.1 De leararen realisearje by Frysk in wurksfear dy't by de taak past.
4.2 De leararen lizze yn de lessen Frysk dúdlik út.
4.3 De leararen jouwe yn de lessen Frysk eksplisyt ûnderrjocht yn strategyen foar it begripen fan Fryske wurden en teksten.
4.4 De leararen drage yn de lessen Frysk mei help fan lear- en helpmiddels by oan in útdaagjende learomjouwing.
Kwaliteitsaspekt 5 Ôfstimming
5.1 De leararen folgje de taal- en lêsoarderings Frysk fan har learlingen systematysk.
5.2 De leararen stimme de ynstruksje en ferwurking by Frysk ôf op it ûnderwiisferlet fan de learlingen.
5.3 It taalgebrûk fan de leararen past by it taalferlet fan de learlingen.
Kwaliteitsaspekt 6 Aktive rol learlingen
6.1 De learlingen binne yn de lessen Frysk aktyf behelle yn ûnderwiisaktiviteiten.
Kwaliteitsaspekt 7 It toetsen
7.1 De leararen brûke toetsen dy't net bûn binne oan in metoade foar it fêststellen fan de foarderings op it mêd fan de Fryske taal.

Bylage III: Wurdearringsramt Frysk Fuortset ûnderwiis

Kwaliteitsaspekt 1 Kwaliteitssoarch
1.1 De skoalle hat foldwaande ynsjoch yn de kenmerken fan de learlingepopulaasje.
1.2 De skoalle evaluearret systematysk de kwaliteit fan de opbringsten fan it Frysk.
1.3 De skoalle evaluearret systematysk de kwaliteit fan it ûnderwiis fan de Fryske taal en kultuer.
1.4 De skoalle wurket planmjittich oan ferbetteraktiviteiten foar de Fryske taal.
1.5 De skoalle boarget de kwaliteit fan de Fryske taal en kultuer.
1.6 De skoalle rapportearret ynsichtlik oan belanghawwenden oer de realisearre kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer.
Kwaliteitsaspekt 2 Oanbod Fryske taal
2.1 It learstofoanbod Fryske taal en kultuer yn de ûnderbou foldocht oan de wetlike easken.
2.2 It learstofoanbod Frysk yn de ûnderskate learjierren slút op elkoar oan.
2.3 It learstofoanbod Fryske taal en kultuer is ôfstimd op it ûnderwiisferlet fan yndividuele learlingen
Kwaliteitsaspekt 3 Tiid
3.1 Der wurdt foldwaande ûnderwiistiid pland foar Frysk.
Kwaliteitsaspekt 4 Didaktysk hanneljen
4.1 De leararen jouwe de learlingen yn de lessen Fryske taal en kultuer sicht op doel, nut en gearhing fan de lesaktiviteiten.
4.2 De leararen lizze yn de lessen Fryske taal en kultuer dúdlik út.
Kwaliteitsaspekt 5 Ôfstimming
5.1 De leararen stimme har didaktysk hanneljen ôf op ferskillen yn ûntwikkeling tusken learlingen
5.3 It taalgebrûk fan de leararen past by it taalferlet fan de learlingen.
Kwaliteitsaspekt 6 Aktive rol learlingen
6.1 De learlingen binne behelle yn ûnderwiisaktiviteiten Frysk.
Kwaliteitsaspekt 7 It toetsen
7.1 De leararen brûke in gearhingjend systeem fan ynstruminten en prosedueres foar it folgjen fan de prestaasjes fan de learlingen op it mêd fan Fryske taal en kultuer.

Literatuer

Berie foar it Frysk (2009). *Frysk yn it fuortset ûnderwiis*.

Ynspeksje fan it ûnderwiis (2010). *De staat van het onderwijs. Onderwijsverslag 2008-2009*. Utrecht: Ynspeksje fan it ûnderwiis.

Ynspeksje fan it ûnderwiis (2006). *De kwaliteit van het vak Fries in het basisonderwijs en het voortgezet onderwijs in de provincie Fryslân*. Utrecht: Ynspeksje fan it ûnderwiis.

Ynspeksje fan it ûnderwiis (2001). *Het onderwijs in het Fries op de basisscholen in Fryslân: De stand van zaken*. Utrecht: Ynspeksje fan it ûnderwiis.

Ynspeksje fan it ûnderwiis (1999). *Fries in de basisvorming, evaluatie van de eerste vijf jaar*. Utrecht: Ynspeksje fan it ûnderwiis.

Provinsje Fryslân (2006). *Boppeslach*. Onderwiisnota.

Provinsje Fryslân (2001). *Derde bestuursafpraak Friese taal en cultuur 2001-2002*.

Provinsje Fryslân (s.j). *Beleidsplan Friese taal 2008-2010*.

Ruijven, E.C.M van (2004). *Onderwijseffectiviteit in Fryslân. Onderzoek naar de onderwijsresultaten van de leerlingen en de kwaliteit van het basisonderwijs en het voortgezet onderwijs in Fryslân*. Ljouwert: Fryske Akademy.

Ruijven, E.C.M. van en J. Ytsma (2007). *Trijetalige skoalle yn Fryslân*. Ljouwert: Fryske Akademy.

Oosterloo, A. en H. Paus (red.) (2005). *Fries aan bod: Leerplan Fries voor het Primair Onderwijs*.

Oosterloo, A. en H. Paus (red.) (2008). *Werken aan kwaliteit van taalonderwijs in Fryslân*.

Cedin (s.j). *Meertaligheid – voorschools en primair*.

Kolofon

Ynspeksje fan it ûnderwiis
Postbus 2730 | 3500 GS Utrecht
www.onderwijsinspectie.nl

2010-42 | prijs € 8,-
ISBN: 978-90-8503-225-0
Postbus 51-nûmer: 22DW2010B242

Eksimplaren fan dizze publikaasje binne te bestellen by Postbus 51: belje 0800-8051 (fergees) of sjoch op www.rijksoverheid.nl. De meiwurkers binne op wurkdagen telefoanysk te berikken fan 08.00 oant 20.00 oere.

© Ynspeksje fan it ûnderwiis | oktober 2010

